



provinsje fryslân
provincie fryslân 

Fernije yn betrouwen

Lok op 1

Tuskenbalâns Bestjoersakkoart 2019 – 2023

Frysktalige ferzje

Tuskenbalâns Bestjoersakkoart 2019 - 2023

LOK OP 1, Fernije yn betrouwen

Ynhâld

1 Haadstik 1 Lok op 1

- 1.1 Ryk Fryslân en Brede Wolfeart
- 1.2 Ryk Fryslân en Sustainable Development Goals (SDG)

2 Haadstik 2 Enerzjyk Fryslân

- 2.1 De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach
- 2.2 Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?
- 2.3 Wat hawwe wy oant no ta dien?
- 2.4 Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?
- 2.5 Wat sille wy noch dwaan?
- 2.6 Konklúzjes

3 Haadstik 3 Grien Fryslân

- 3.1 De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach
- 3.2 Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?
- 3.3 Wat hawwe wy oant no ta dien?
- 3.4 Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?
- 3.5 Wat sille wy noch dwaan?
 - 3.5.1. Stikstofoppak en Programma natuer
- 3.6 Konklúzjes

4 Haadstik 4 Agrarysk Fryslân

- 4.1 De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach
- 4.2 Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?
- 4.3 Wat hawwe wy oant no ta dien?
- 4.4 Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?
- 4.5 Wat sille wy noch dwaan?
- 4.6 Konklúzjes

5 Haadstik 5 Undernimmend Fryslân

- 5.1 De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach
- 5.2 Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?
- 5.3 Wat hawwe wy oant no ta dien?
- 5.4 Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?
- 5.5 Wat sille wy noch dwaan?
- 5.6 Konklúzjes

6 Haadstik 6 Leefber Fryslân

- 6.1 De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach
- 6.2 Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?
- 6.3 Wat hawwe wy oant no ta dien?
- 6.4 Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?
- 6.5 Wat sille wy noch dwaan?
- 6.6 Konklúzjes

7 Haadstik 7 Bestimming Fryslân

- 7.1 De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach

- 7.2 Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?
- 7.3 Wat hawwe wy oant no ta dien?
- 7.4 Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?
- 7.5 Wat sille wy noch dwaan?
- 7.6 Konklúzjes

8 Haadstik 8 Fryslân 2028

- 8.1 De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach
- 8.2 Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?
- 8.3 Wat hawwe wy oant no ta dien?
- 8.4 Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?
- 8.5 Wat sille wy noch dwaan?
- 8.6 Konklúzjes

9 Haadstik 9 Gearwurkjend en Betelber Fryslân

- 9.1 De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach
- 9.2 Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?
- 9.3 Wat hawwe wy oant no ta dien?
- 9.4 Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?
- 9.5 Wat sille wy noch dwaan?
- 9.6 Konklúzjes

10 Taheakke

- 10.1 Taheakke 1 – Regionale monitor Brede Wolfeart CBS novimber 2020
- 10.2 Taheakke 2 – Oersjoch resultaten bestjoersakkoart/tuskenbalâns yn relaasje ta Brede Wolfeart en Sustainable Development Goals (SDG's)

Ynlieding

“Lok op 1, fernije yn betrouwen” is de titel fan it bestjoersakkoart dat Provinsjale Steaten op 26 juny 2019 fêststeld hawwe. Mei dat bestjoersakkoart sjogge wy yntegraal nei de opjeften om yn de provinsje Fryslân mear Brede Wolfeart foar alle Friezen te realisearjen. By it realisearjen fan de yn ús akkoart formulearre ambysjes en resultaten sjogge wy dêrby nei ‘alles dat de kwaliteit fan it libben hjir en no beynfloedet en yn hoefier’t dat ta skea fan lettere generaasjes giet of fan minsken op oare plakken yn ‘e wrâld’ (CBS, 2019). Dêrby nimme wy somtiden sels it inisjatyf of de regy, mar wy kinne ek skewiele by regionale gearwurking. Gearwurking betsjut ek lykweardichheid en dêrmei net allinne betrouwen hawwe yn ús eigen akkoart foar Fryslân, mar ek yn ús partners, yn de krêft fan de Fryske Mienskip.

Mei dizze ‘Tuskenbalâns Lok op 1, fernije yn betrouwen’ wolle wy in tuskenstân jaan fan hoefier’t wy binne mei it realisearjen fan de ûnderskate yn 2019 formulearre resultaten. Dêrmei slute wy oan op de struktuer fan it fêststelde bestjoersakkoart, dêr’t wy ús ambysjes yn útwurke hawwe, yn de haadstikken: Lok op 1, Enerzjyk Fryslân, Grien Fryslân, Agrarysk Fryslân, Undernimmend Fryslân, Leefber Fryslân, Bestimming Fryslân, Fryslân 2028, Gearwurkjend Fryslân en Betelber Fryslân. Dy ambysjes binne, nei’t Provinsjale Steaten noch ien ekstra resultaat tafoege hawwe, yn 61 resultaten útwurke.

Wy hawwe dizze tuskenbalâns yn in bysûndere, noch net earder meimakke tiid makke. Minder as in jier nei it fêststellen fan it bestjoersakkoart giene wy yn maart 2020 yn lockdown. It Ryk hat dêr doe fluch op reagearre mei in wiidweidich stipepakket foar ferskate ek by ús bestjoersakkoart behelle sektoaren. As provinsje hawwe wy oanfoljend dêrop it werstelmaatregelpakket ‘Lok op 1: no en moarn’ gearstald. Nei fêststelling troch Provinsjale Steaten binne maatregels út dat pakket no yn útfiering. Yn dizze tuskenbalâns steane wy, oars as foargeande jierren, ek stil by de mooglike effekten fan de koroanakrisis.

De effekten fan de koroanakrisis op ús ambysjes en resultaten yn it bestjoersakkoart ferskille fan inoar. Yn guon gefallen is der sels sprake fan geunstige effekten, bygelyks as it giet om luchtkwaliteit en ferkearsdrokte. As wy lykwols sjogge nei bygelyks de kultuersektor, it iepenbier ferfier en parten fan de ekonomyske sektor, dan is it effekt negativer. Hielendal nei’t der ein 2020 foar de twadde kear in tichtplicht ynsteld waard. Guon oare dossiers, lykas natuerûntwikkeling of wege-/wetterprojekten, wurde minder direkt troch de koroanakrisis rekke. Wy hoopje dat 2021 it jier wurdt dat yn Nederlân, yn Fryslân en de rest fan de wrâld, koroana en dêrop lykjende firussen ûnder kontrôle binne. Underwilens bliuwe wy yn Fryslân mei alle by it bestjoersakkoart behelle partijen yn petear, om te sjen oft en as dat sa is, wêr’t mooglike ekstra maatregels nedich binne, mooglik yn de foarm fan in twadde werstelmaatregelpakket.

By it realisearjen fan ús ambysjes en resultaten sjogge wy dat wy by it realisearjen fan in soad resultaten benammen ‘lêst’ hawwe fan opûnthâld, trochdat wy folle minder en ek net fysyk mei ús partners gearwurkje kinne. Wol is it sa dat krekt troch dy needsaaklike slach yn digitalisearring, der alderlei nije, faak digitale, manieren fûn binne om ek op ôfstân fan inoar mei-inoar fierder komme te kinnen. Lykwols is der yn in tal gefallen wol sprake fan in direkt en mooglik bliuwend effekt op it realisearje kinnen fan de resultaten. Dat ljochtsje wy yn de oanbelangjende haadstikken ta.

Neist de ambysjes en resultaten yn it bestjoersakkoart hawwe wy yn de ôfrûne perioade oan in soad dossiers wurke. Foarbylden binne de Regiodeals, de lanlike stelselwizing en de kompensasjejilden foar kultuer, wêrby't Fryslân útgeande fan de oare regio's in hegere bydrage krige hat.

Yn dizze tuskenbalâns litte wy foar alle haadstikken sjen hoe't Fryslân him ûntwikkele hat en jouwe wy in kleur 'skoare' oan de 61 resultaten. Wy dogge dat neffens neikommende skoares:

Leginda



It resultaat is al helle



It resultaat wurdt nei alle gedachten helle



It resultaat wurdt nei alle gedachten net (folslein) helle



It resultaat wurdt perfoarst net helle

Fierder ljochtsje wy yn alle haadstikken ta wat wy oant no ta dien hawwe en wat wy mooglik troch de koroanakrisis oars dien hawwe. As lêste geane wy yn op wat wy mooglik noch dwaan sille om in oanbelangjend resultaat te realisearjen ear't wy mei in tal konklúzjes einigje. Dizze tuskenbalâns lit sjen hoe't wy yn 'e mande mei ús partners, de Friezen yn Fryslân, Lok op 1, nettsjinsteande de koroanaûntwikkelingen, kleur jûn hawwe. De tuskenbalâns is ynput foar de provinsjale ramtnota 2022. Dêryn nimme Provinsjale Steaten besluten oer de mooglike bystelling fan ambysjes en resultaten foar Fryslân.

HAADSTIK 1

Lok op 1



Ambysje: Friezen wurde noch lokkiger as se al binne

1.1 | Ryk Fryslân en Brede Wolfeart

In wichtich útgongspunt fan it bestjoersakkoart is de konstataarring dat wy yn in rike provinsje libje, mei sterke sosjale struktueren, sosjale gelikens en hege leefberens. Ek de meast resinte (fan foar de koroanakrisis) sifers stypje dat byld. Dat jildt nammers ek foar de minder sterke punten fan de provinsje: de produksje de ynwenner en de ynkommens binne leger en it brûken fan sosjale foarsjennings heger. De beheinde taalfeardigens fan it Nederlânsk is grutter en it tal Friezen dat fierder studearret is leech, ferlike mei de rest fan Nederlân.

Mar de balâns is posityf: Wylst Fryslân wat materiële wolfeart oanbelanget leger skoart as lanlik, skoare de Friezen konstant yn de top 3 fan 'lokkich fielen' en tefredenens mei it libben. As kolleezje geane wy foar de Brede Wolfeart: Alles wat de kwaliteit fan it libben hjir en no beynfloedet en yn hoefier't dat ta skea laat foar lettere generaasjes of fan minsken op oare (earme) plakken yn 'e wrâld' (CBS, 2019).

Wy kieze as útgongspunt de earste fersy fan de regionale monitor brede wolfeart fan it CBS (novimber 2020). Dy monitor makket it mooglik om de ferskate diminsjes fan brede wolfeart te folgjen: Hoe prestearret Fryslân, ferlike mei oare provinsjes, hoe is de ferdieling yn Fryslân en hoe hat de ûntwikkeling troch de tiid west. Dy monitor is noch yn ûntwikkeling en fia Regionale Monitor Brede Welvaart 2020 (cbs.nl) te rieplachtsjen.

It Fries Sociaal Planbureau (FSP) wurket oan in Fryske fariant fan de CBS monitor. Mei it FSP sjogge wy nei de sifers foar Fryslân en wat de betsjutting dêrfan is. Wy sjogge it dêrby as in útdaging om mei-inoar yn Fryslân fêst te stellen wat de spearpunten wêze moatte, dy't derfoar soargje dat de 8 dy't Friezen no oan de leefberens fan Fryslân jouwe op syn minst yn stân bliuwt en dat Friezen de lokkichste Nederlanners bliuwe. Hokker yndikatoaren moatte wy dêrfoar mjitte en hoe kinne wy bygelyks oanslute by de oandachtspunten fan de 'Organisation for Economic Cooperation and Development' (OECD) foar brede wolfeart.

Dêr sille ek nije ûntwikkelingen by nei foaren komme. De oanpak stikstof en de koers dy't it Ryk foar de lânbou en natuer ynset hat, is in foarbyld dat by it opstellen fan it

bestjoersakkoart noch net yn dy omfang yn byld wie, mar wol hiel beskiedend wurdt foar ús belied en de brede wolfeart yn Fryslân. Wy komme dêrop werom yn it haadstik Grien Fryslân, mar dat spilet bygelyks ek by wenje en bedriuweterreinen. De grutste ympakt hat mooglik de koroanakrisis, dêr't wy mondiaal, dus ek yn Fryslân, no noch folop ynsitte en dêr't wy nei alle gedachten noch jierren de effekten fan fiele sille. Yn dizze tuskenbalâns sjogge wy al in tal effekten op ús ambysjes en de gearwurking mei ús partners. Mar wat betsjut dat foar de brede wolfeart op langere termyn en wêr lizze de bedrigings en de kânsen?


It rapport fan it FSP wurdt yn febrewaris publisearre. Dêrop foarútrinnend kinne wy yn dizze tuskenbalâns al in tal útkomsten út de regionale monitor fan it CBS presintearje.

Ien aspekt wêryn't Fryslân him posityf ûnderskiedt is de tefredenens mei it libben. Utgeande fan oare provinsjes stiet ús provinsje op it twadde plak. Op hoe't de sûnens fielt wurdt skoart Fryslân sels it heechst. Itselde jildt foar de tefredenens mei it wenfermidden. In wichtige wearde is boppedat dat wy inoar yn Fryslân betrouwe.

Hoewol't wy wol sjogge dat it omheech giet, skoart Fryslân, útgeande fan oare provinsjes, (noch) leech op mêden as materiële wolfeart, arbeidsparticipaasje, opliedingsnivo en wurkleazens. Dêr wurdt noch mar in kear mei befêstige dat wolfeart oer mear giet as materiële wolfeart en dat wy yn Fryslân út it perspektyf fan de Brede Wolfeart nei ús opjeften en ambysjes sjen moatte.

Yn de taheakke by dizze tuskenbalâns stiet in oersjoch fan alle yndikatoaren dy't no yn de regionale monitor fan it CBS meinommen binne.

Us ambysje is de 8 dy't Friezen no oan de leefberens fan Fryslân jouwe op syn minst yn stân te hâlden en dat Friezen de lokkichste Nederlanners bliuwe. It giet ús dêrby om de brede wolfeart en de resultaten út it bestjoersakkoart 'Lok op 1' moatte dêr in bydrage oan leverje. Understeand oersjoch jout yn ien eachopslach wer hoefier't wy mei ús resultaten binne. Yn de neikommende haadstikken wurkje wy dy resultaten foar alle ambysjes út.



Yn ien eachopslach de foarriedige resultaten fan it Bestjoersakkoart 'Lok op 1'.

1.2 | Ryk Fryslân en Sustainable Development Goals (SDG)

Us bestjoersakkoart 'Lok op 1' is op it ferbetterjen fan de Brede Wolfeart rjochte. Yn 2015 binne troch de Feriene Naasjes (VN) en troch 193 lannen, dêrûnder Nederlân, de saneamde Sustainable Development Goals (SDG) ûndertekene.



De SDG's slute oan by it stribjen nei in hegere brede wolfeart: 'alles dat de kwaliteit fan it libben hjir en no beynfloedet en yn hoefier't dat ta skea fan lettere generaasjes giet of fan minsken op oare plakken yn 'e wrâld' (CBS, 2019). Wy hawwe yn ús bestjoersakkoart oanjûn dat wy gjin besluten mear nimme wolle sûnder dat breed eachweid op dy hegere brede wolfeart.

Fia de saneamde brede wolfeartsken hâlde wy yn 'e gaten hoe't it loksfielen fan de Friezen him ûntwikkelet. Wy brûke by de monitoaring lykas hjirboppe oanjûn de mear as fjirtich yndikatoaren dy't troch it CBS foar Brede Wolfeart opsteld binne. De resultaten yn ús bestjoersakkoart binne by de presintaasje dêrfan al keppele oan ûnderdielen fan brede wolfeart lykas wolwêzen, sûnens en feilichheid.



Mei it realisearjen fan mear Brede Wolfeart yn de provinsje Fryslân, drage wy direkt en yndirekt ek by oan it realisearjen fan de heger lizzende Sustainable Development Goals.

By it fêststellen fan it bestjoersakkoart is troch Provinsjale Steaten in moasje (ChristenUnie, D66, GrienLinks, PvdA, PvdD) oannommen mei it fersyk de resultaten út it bestjoersakkoart 2019-2023 oan de SDG's te hifkjen en dy yn de startnotysjes weromkomme te litten, sadat de SDG's relatearre wurde oan it belied. Yn taheakke 2 by dizze tuskenbalâns hawwe wy de resultaten, foar safier mooglik, keppele oan ien fan de yndikatoaren fan de 17 duorsume ûntwikkelingsdoelstellingen (SDG). De 231 unike yndikatoaren dy't dêrby hearre binne faak minder direkt fan tapassing op de Fryske kontekst en de yn ús bestjoersakkoart beneamde resultaten. Yndikatoaren geane bygelyks oer it tal froulju dat in mobile telefoan hat en it tal minsken dat tagong ta skjin drinkwetter hat. Wol sille wy yn ús organisaasje fierder neigean hokker tafoege wearde der sit om de SDG's, of de byhearrende yndikatoaren, neist Brede Wolfeart as ôfwagingsramt foar ús belied te hantearjen. Yn de taheakke binne neist de SDG-doelstellingen ek de by Brede Wolfeart hearrende piktogrammen foar alle resultaten nochris opnommen.

HAADSTIK 2

Enerzjyk Fryslân




Ambysje: Yn 2030 wurdt 33% fan de Fryske enerzjy duorsum opwekke en 25% enerzjy besparre útgeande fan 2010

2.1 | De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach

Resultaten	Fuortgong
1. As Fryslân hawwe wy mei ús mei-oerheden in oanbod foar de RES ûntwikkele dat folslein ynfolling jout oan ús ferantwurdlikens foar it werom kringen fan klimaatferoaring en rekkenje kin op regionaal draachflak	■
2. Der komt út it RES-trajekt in Taskforce enerzjytransysje	■
3. It Fûns Fryske Skjinne Enerzjy kriget de gelegenheid ek partikulieren te stypjen en wy meitsje ús eigen gebouwen enerzjyneutraal	■
4. Wyn leveret in bydrage oan it duorsum opwekken fan enerzjy yn Fryslân, wylst it tal gruttere mûnen sakket	■
5. Geotermie en wetterstof binne in wichtich ûnderdiel fan de duorsume enerzjymiks yn Fryslân	■
6. Yn 2023 wurkje stypjende organisaasjes op it mêd fan enerzjy sa gear, dat se inoar fuortsterkje en in helpreger oan ien loket genôch hat	■
7. Der komt in fûns foar it stypjen fan partikulieren en kollektiven by de ûntwikkeling fan enerzjy-inisjativen	■
8. Der komt in provinsjebreed wurkjend team fan enerzjycoaches	■

2.2 | Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?


- It enerzjyferbrûk yn Fryslân is yn de perioade 2010 o/m 2019 mei 1% sakke. De grutste besparing (goed 14%) is yn de beboude omjouwing berikt. Yn de sektoaren yndustry en ferkear en ferfier is krekt sprake fan in tanimmen fan it enerzjyferbrûk, útgeande fan 2010. (Klimaatmonitor, Min. IenW).
- It persintaazje duorsum opwekke enerzjy is yn Fryslân yn 2018 omheech gien fan 10,9% nei 11,8%. Foar Nederlân as gehiel lei dat oandiel ein 2018 op 7,6% (Klimaatmonitor, Min. IenW).
- De enerzjyfraach nei elektrisiteit is yn 2018 foar 26% duorsum opwekke. Foar biobrânstof en waarmte is dat respektivelik 4,7% en 11,5% (Klimaatmonitor, Min. IenW).
- It opsteld fermogen oan sinnepanielen is stadichoan trochgroeid as gefolch fan de oanlis fan sinnegreiden en sinnepanielen op dakken. Op 1 oktober 2020 telt Fryslân 582 MWp oan fermogen; in groei fan 150 MWp útgeande fan oktober 2019 (Alliander).
- It opsteld fermogen oan wynmûnen is al jierren frij stabyl. Op 1 oktober 2020 stiet der 201 MW oan opsteld fermogen. Op it stuit wurdt oan Windpark Fryslân boud. Dêrmei sil it opsteld fermogen ein 2021 oant sawat 583 MW groeid wêze (Alliander).



Boarne: Alliander

- 70% fan de wenningfoarried hie yn 2019 in enerzjylabel C of heger. Dat wie 5 jier earder noch mar 58%. Yn 2019 wiene der 52.500 wenten mei sinnepanielen; dat is likernôch 1 op de 6 wenten (RVO).
- De CO₂-útsjitit yn Fryslân is tusken 2010 en 2019 mei 6,5% sakke. Lanlik wie de fermindering 5,4%. De útsjitit is yn de sektor 'beboude omjouwing' it measte sakke, nammentlik 15,8% (Klimaatmonitor, Min. IenW).

CO2-útsjit Fryslân (ton)



Boarne: Ministearje fan Ynfrastruktuer en Wettersteat, Klimaatmonitor

2.3 | Wat hawwe wy oant no ta dien?

Wy hawwe in hege ambysje as it om enerzjytransysje giet. De rol dy't wy as provinsje hawwe, is beheind, dat is wier, mar wy wolle wêr't it mooglik is in signifikante rol spylje. Nettsjinsteande dat der noch in soad ûntwikkelingen en ûnwissichheden binne. Foarbylden dêrfan binne dat de EU de doelstelling fan 49% CO₂ reduksje nei 55% ferheget, wylst ûnderwilens it netwurk de ûntwikkelingen net oan kin. Hast oeral yn de provinsje binne oanslút- en leveringsproblemen. Alliander moat dêr flink yn ynvestearje. De enerzjytransysje is gauris in drege puzel, dêr't wy ek yn de kommende jierren hurd oan wurkje sille.

Der is in moasje oannommen om de ûntwikkeling fan Thorium te folgjen as alternatyf foar wyn en sinne. Dat liedt ta de fraach oft wy yn Fryslân romte foar in kearnsintrale hawwe. It is noch net dúdlik wat it effekt is fan it 'Ja, mits'-prinsipe út de Omjouwingsfisy en de noch yn te fieren Omgevingswet en de Feroardering Romte. Foar ús binne dat krekt sinjalen en redenen om hiel hurd te wurkjen oan de yn ús bestjoersakkoart formulearre resultaten foar enerzjyk Fryslân.

Wy hawwe in startnotysje RES (Regionale Enerzjy Strategy) en in konsept RES fêststeld. Oant en mei it fêststellen fan de **RES 1.0** yn it twadde fearnsjier fan 2021 fiere oanbelangjende partijen ambysjepetearen, organisearje wy gearkomsten en wurkje wy oan de útfieringsstrategie en -agenda. Underdiel fan dy agenda wurdt ek it **ien loket tinken**, sadat helpfregers net by ferskate organisaasjes oan hoege te klopjen. Yn dat ramt sjogge wy ek dat in tal gemeenten al mei **enerzjycoaches** wurket. Mei gemeenten, enerzjycoaches, enerzjyadviseurs en stypjende organisaasjes hawwe wy, nei in perioade fan ynventarisasjes en it byinoar bringen fan partijen, de formele ôftraap fan in provinsjebreed dekkend netwurk fan enerzjybegelieding organisearre. It netwurk slút oan by de winsken fan de ferskate partijen om mei-inoar te kommen ta mear goed oplate enerzjycoaches, dêr't alle ynwenners fan Fryslân mei harren fragen by terjochte kinne. Wy keppelje de **Taskforce enerzjytransysje** oan de RES 1.0 om de útfiering fan dy ûntwikkelingen yn 'e gaten te hâlden en wêr't dat nedich is útstellen te dwaan om by te stjoeren.

It Fûns Skjinne Fryske Energjy (**FSFE**) hat ús witte litten dat se net kosteneutraal oan partikulieren liene kinne. Dêrom hawwe wy, as ûnderdiel fan in oanfalplan Energjybesparring út de Fryske Deal, in rintekoarting op de Nationale Energiebesparingslening foar partikuliere wenningeigeners opset. Dy rintekoarting jildt fan 1 augustus 2020 o/m 1 desimber 2023. It ymplementaasjeplan foar it enerzjyneutraal meitsjen fan ús organisaasje is yn novimber 2020 troch Provinsjale Steaten fêststeld. Dêrmei is it formele startsein jûn foar it duorsumer meitsjen fan ús organisaasje. Wy begjinne mei enerzjybesparjende maatregels yn de gebouwen. Nei alle gedachten helje wy it folslein enerzjyneutraal meitsjen fan de provinsjale gebouwen net foar 2025, mar de earste wichtige stappen binne ûnderwilens set.

De beliedsfoarnimmers foar **wyn** binne ûnderwilens yn de Feroardering Romte opnommen. Gearfetsjend kinne boeren no lytse wynmûnen op eigen hiem delsette foar it eigen enerzjyferlet en kinne doarpsmûnen oant maksimaal 100 meter opskald wurde. Bestearde doarpsmûnen kinne sûnder sanearring opskald wurde en foar nije doarpsmûnen jildt dat der earne oars in oare mûne sanearre wurde moat. Op grûn fan ús rol hawwe wy dêrmei de rânebetingsten kreëarre, mar wy sjogge dat de merk foar it sanearjen fan de gruttere mûnen de businesscases op it stuit noch net foarinoar kriget. De wizigings yn de Feroardering Romte binne de earste wichtige stappen yn it beävensearjen fan beliedsfoarnimmers: nei alle gedachten sil dat derfoar soargje dat it tal gruttere mûnen yn Fryslân op termyn nei ûnderen giet. Dat giet lykwols net fan de iene op de oare dei. It effekt sil nei alle gedachten yn dizze bestjoersperiode noch net sichtber wurde.

In duorsume **enerzjymiks** is foar Fryslân krúsjaal. Foar geotermie ferwachtsje wy de earste boarring fan 't jier by Ljouwert. Mei it each op de hege kosten en risiko's en de ôfnimmers dy't nedich binne, foarsjogge wy geotermie mar op in pear plakken yn Fryslân. Ut ús ferline jier útfierde ynventarisasje fan de kânsen foar wetterstof foar Fryslân docht bliken dat der moaie kânsen binne. Mar ek dat wetterstof op koarte termyn gjin grutte bydrage oan de Fryske enerzjymiks leverje sil. Ut ferskate stúdzjes hat wol bliken dien dat Akwatermy in folle hegere potinsje hat as earder ferwachte waard. De ûntwikkeling dêrfan kin dêrom in wichtige bydrage oan de enerzjymiks leverje. Nettsjinsteande it feit dat dy ûntwikkelingen hurd geane, hawwe geotermie en wetterstof, útgeande fan de folsleine enerzjymiks, op it stuit noch in beheinde bydrage. Ek op koarte termyn sil dat net daliks feroarje. Krekt as yn de ôfrûne jierren, sille wy ús ek yn de kommende jierren, yn ús rol, hurd ynsette om op termyn de bydrage fan dy miks signifikanter wêze te litten.

Foar it stypjen fan partikulieren en kollektiven by de ûntwikkeling fan **enerzjy-inisjativen** woene wy yn prinsipe by in lanlik inisjatyf foar in ûntwikkelfûns oanslute. Dat plan wie, sa die bliken, net helber. Wy binne ûnderwilens yn oerlis mei it FSFE om de útfiering en de dêrfoar beskikber stelde middels fan dat fûns by harren ûnder te bringen.

Foar it behâld fan it karakter fan it Fryske lânskip hawwe wy yn ús bestjoersakkoart opnommen dat wy de sinneljedder as ynstrumint ûntwikkelje wolle. Jimme hawwe yn novimber 2020 mei dy Sinneljedder ynstimd. Dêrmei kinne wy tefoaren komme dat der tefolle sinneparken op lânbougrûn oanlein wurde.

2.4 | Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?

By it opstellen fan de RES waard it meast dúdlik dat prosessen troch de koroanakrisis opûnthâld hawwe. It hat der foarearst noch net ta laat dat der gjin stappen set wurde koene om de resultaten út ús bestjoersakkoart te realisearjen. It is wol oannimlik dat troch de tanommen ûnwissens oer wurk en ynkommen in part fan de ûndernimmers en boargers foarsichtiger wêze sille om ynvestearings te dwaan. Dat set mooglik ek in rem op griene ynvestearings.

2.5 | Wat sille wy noch dwaan?

Op basis fan de startnotysje Duorsume Enerzjy sille wy jimme yn 2021 it beliedsbrieffoarlizze. Dêr komme de ûnderwerpen út de tuskenbalâns yn werom en ús ambysje om yn 2030 33% fan ús enerzjy duorsum op te wekjen en útgeande fan 2010 25% enerzjy te besparjen. Foar de langere termyn 2050 sille wy dêrby in fisy foar enerzjyk Fryslân opsette. Troch de EU is de doelstelling fan 49% CO2 reduksje ûnderwilens nei 55% ferhege. It hjoeddeistige netwurk kin dy ûntwikkelingen yn Fryslân net oan. Hast oeral yn ús provinsje binne dan ek oanslutings- en leveringsproblemen. Dêr moat Alliander flink yn ynvestearje. Wy litte dêr in systeemstúdzje foar útfiere. Dêr is in spesifike taskforce foar oprjochte mei meiwurkers fan de provinsje, gemeenten en Liander. Dy taskforce sil har nei de systeemstúdzje rjochtsje op it oplossen fan de problemen mei it netwurk.

Hoewol't de rol fan wetterstof yn Fryslân beheind is, sille wy ek dêr in fisy op ûntwikkelje. Wy dogge as provinsje mei oan in troch de Energiecampus Leeuwarden út te fieren helberensstúdzje nei systeemntegraasje, mei ûnder oare wetterstof as buffer.

Ut ûndersyk docht bliken dat Fryslân foar 60% waarmte út oerflaktewetter helje kin as alternatyf foar ierdgas. Akwatermy slút goed oan by it profyl fan Fryslân as wetterrike en wettertechnology provinsje. Dy potinsje waard by it opstellen fan it bestjoersakkoart noch net sa heech rûsd. Wy sille de potinsjele mooglikheden fan Akwatermy yn de kommende perioade fierder útwurkje, op basis fan de ambysje om dé provinsje foar Akwatermy te wurden. Neist energetyske foardielen sjogge wy nammentlik ek in soad ekonomyske en lânskiplike foardielen.

Fryslân hat ek in grutte potinsje op it mêd fan Biogas en Grien Gas. Wy ûntwikkelje in rûtekaart Griengas om de potinsje, kânsen en knypunten fan Biogas en Grien gas better yn byld te hawwen.

It Fûns Skjinne Fryske Enerzjy (FSFE) is yn 2014 oprjochte om in bydrage te leverjen oan ús provinsjale enerzjydoelen yn 2020. Yn de kommende perioade sille wy ûndersykje hoe't in mooglike nije opdracht fan it FSFE der út komme kin te sjen. Mooglik kin it FSFE in bredere doelstelling krije, bygelyks troch it as ynstrumint yn te setten foar it realisearjen fan CO2-doelen yn stee fan joules (enerzjy) en/of it bieden fan oantreklike finansieringsbetingsten mei it FSFE 2.0.

2.6 | Konklúzjes

As wy sjogge nei de hjoeddeistige yndikatoaren en sifers dan lykje ús ambysjes om yn 2030 33% duorsume enerzjy op te wekjen en 25% enerzjy te besparjen noch fier fuort. Mei de ûntwikkelingen dy't wy sjogge en de ynset fan it hiele fjild fan aktoaren, ynklusyf de provinsje, geane wy derfan út dat dy ambysjes noch hieltyd realistysk binne en in wichtich doel op de lange termyn.

Ek al is ús rol as provinsje beheind, wy dogge wat wy kinne en lizze wat it realisearjen fan de yn ús bestjoersakkoart formulearre resultaten op koers. De ferwachting is dat allinne it realisearjen fan enerzjy neutrale eigen provinsjale gebouwen net alhiel foar de ein fan de bestjoersperiode realisearre wêze sil. Wy sette dêr wol de earste stappen foar en de realisaasje folget dêrút.

Wat it resultaat yn it bestjoersakkoart oangeande geotermie en wetterstof oanbelanget stelle wy út om oan dat resultaat oer de duorsume enerzjymiks ek Akwatermy ta te foegjen. In fisys dêrop wolle wy ek meinimme yn de op te stellen langere termyn fisys foar enerzjyk Fryslân 2050.

Om ús ambysjes dy't heger lizze realisearje te kinnen, sille wy yn de rin fan dit jier yn it beliedsbrieff Duorsume Enerzjy de ferskate saken oangeande enerzjyk Fryslân byinoar bringe. Nettsjinsteande de mooglike effekten fan de koroanakrisis op bedriuwen en partikulieren, bliuwe ús ambysjes urgint. Benammen as it giet om it besparjen fan enerzjy sjogge wy dat wy dêrby tige ôfhinklik binne fan eksterne ûntwikkelingen. It is ek de fraach wat it effekt fan de koroanakrisis wêze sil op de ynvestearrings yn de sektor. De resultaten dy't wy helje wolle binne lykwols urgint en dat biedt ek kânsen om net allinne foar ophelpen fan bygelyks de ekonomy te gean, mar der in 'Grien ophelpen' fan te meitsjen út it perspektyf fan de Brede wolfeart wei.

HAADSTIK 3

Grien Fryslân




Ambysje: Wy bûge it ferlies fan bioferskaat yn Fryslân om yn in ferbettering op langere termyn. De kwaliteit fan grûn, wetter en lânskip ferbetteret dêrtroch

3.1 | De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach

Resultaten	Fuortgong
9. Der is in programma om it bioferskaat te ferbetterjen	
10. It tal greidefûgels yn gebieten mei agrarysk natuerbehear nimt ta	
11. Der is in beslút nommen oer de meast kânsrike oanpak foar it ynrjochtsjen fan it Natuurnetwerk yn Fryslân	
12. Wy behelje de gefolgen foar it lânskip yn al ús (belieds)karren	
13. Der binne mjitbere suksessen helle op it mêd fan klimaatadaptaasje, troch sterk ferbettere wetteropfang en it konkreet ynrjochtsjen fan retinsjegebieten	
14. Potato Valley is in tagonklik en essinsjeel kennisintrum wurden op it mêd fan sâlte tylt en biedt ûndernimmers perspektyf op nije modellen om jild te fertsjinjen	
15. Der is in Taskforce Feangreide ynsteld dy't it Feangreidebelied effektyf en mei draachflak útfiert	
16. Der is in grûnbank nije styl ynsteld	
17. Der is in senariokar makke foar it ambysjenivo foar it Fryske feangreidegebiet op basis fan de Maatskiplike Kosten Baten Analyze	

3.2 | Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?


- Trije drûge en waarme simmers efter inoar (2018, 2019 en 2020) lykje te ûnderstreekjen dat it klimaat oan it feroarjen is. Ek de winter fan 2019-2020 wie ekstreem; it wie de op ien nei sêftste sûnt 1901. En it wie dêrby ek in tige wiete winter. Benammen yn febrewaris foel in soad rein mei trochsneed oer it lân mear as 140 milimeter (KNMI).
- De Living Planet Index jout as yndikator wer hoe't it mei it bioferskaat steld is. Ut ûndersteande figuer docht bliken dat it yn algemiene sin folle better giet as yn 1990; de yndeks is mei 22% groeid tusken 1990 en 2018. Dochs jildt dat perfoarst net foar alle soarten en ekosystemen. De soarten fan Frysk belang, dêr't yn ús Omjouwingsfisy ús doelstelling oan keppele is (kwetsbere beskerme soarten dy't in delgeande tendins sjen litte en dêr't Fryslân as libbensgebiet wichtich foar is), binne noch net goed yn dy Living Planet Index meinommen (CBS).



Boarne: CBS, Living Planet Index


- It binne benammen de greidefûgels (en dan spesifyk de kaaisoarten ljip, tsjirk, strânljip en skries) dy't swier ûnder druk steane. Harren oantallen binne yn de ôfrûne twa desenniums ôfnommen. Foar de tsjirk en de skries giet it om in fermindering fan respektivelik 34% en 46% tusken 1996 en 2020. By de skries giet it om 56% en by de strânljip om in fermindering fan hast 65% (Weidevogelmeetnet Friesland, CBS/Sovon).

Untwikkeling greidefûgels Fryslân 1996-2020 (yndeks = 1996)



Boarne: CBS/Sovon, Weidevogelmeetnet Friesland

- Oant 29 maaie 2019 wie tastimming foar aktiviteiten dêr't stikstof by frij komt basearre op it Programma Aanpak Stikstof. De Rie fan Steat hat it PAS doe net jildich ferklearre. Yn desimber ferline jier stimde de Twadde Keamer yn mei de nije stikstofwet. Mei dy wet is oan 'e iene kant it ambysjenivo foar de stikstofreduksje opskroefd, oan 'e oare kant is der ûnder oare in tasizzing dat de PAS-melders legalisearre wurde.
- Fryslân hat in oandiel fan 12,8% yn de hiele lanlike stikstofútstjit. 55% fan de stikstofdeposysje yn Fryslân komt út de lânbou (RIVM).



Boarne: RIVM, 2018

3.3 | Wat hawwe wy oant no ta dien?

It werombringen fan de fariëteit oan soarten, ekosystemen en lânskippen is fan belang foar in rikere natuer én is ek de basis foar ús wolwêzen en brede wolfeart. Om it ferbetterjen fan it bioferskaat yn gong te setten binne wy mei in trajekt útein set om mei mei-oerheden en partners ta in mienskiplike aginda **ferbettering bioferskaat** foar Fryslân te kommen. Ut in ynventarisasaasje fan inisjativen docht bliken dat de ynteresse yn de Fryske mienskip foar bioferskaat breed is. De inisjativen binne benammen ôfkomstich fan partikulieren, ferienings/stichtings en gemeenten. Op basis fan in ekologyske analyze fan dy ynventarisasaasje hawwe wy de tema's fêststeld dêr't de ferbetterpunten beneamd wurde kinne. Dy ferbetterpunten wurde yn aksjes omset dy't ûnderdiel wêze sille fan it ferbetterprogramma bioferskaat.

Om it sakjen fan it **tal greidefûgels yn Fryslân** te kearen, hawwe wy, yn 'e mande mei alle by de greidefûgels behelle partijen yn Fryslân, ferienige yn it Oltterterpoerlis, ta wurke nei in Evaluaasje Nota Greidefûgels 2014-2020 en Startnotysje Nota Greidefûgels 2021-2030. Dy wurde yn april 2021 oan jimme oanbean. Yn de Evaluaasje Nota Greidefûgels 2014-2020 wurde alle aksjes en stappen beskreaun dy't ûndernommen binne om in tanimming fan it tal greidefûgels te stimulearjen. Oars as yn it bestjoersakkoart beskreaun is, is ús belied net inkeld op in tanimming fan it tal greidefûgels yn agrarysk natuerbehear rjochte, mar ek yn it hiele lanlik gebiet. Aksjes en stappen dy't nommen binne, binne ûnder oare it Aanvalsplan Grutto, petysje Fryslân Greidefûgellân, bewustwurdingskampanje Grutsk op ús Greidefûgels, ûndersiken predaasjebehear en stienmurd, frijwillige greidefûgel-beskerming troch de Bond van Friese Vogelwachten, jeugdedukaasje op de basisskoallen, jierlikse provinsjale subysdzje foar it wieter meitsjen fan de grûn, ûntwikkeling fertsjinmodellen: De Fryske

tsiis en Weide Weelde suvel en de takende Europeeske subsydzjes foar de LIFE IP All4Biodiversity en LIFE IP GrassbirdHabitats. De útkomsten fan de Evaluaasje, Grutto Aanvalsplan en de petysje Fryslan Greidefûgellân foarmje de basis foar de Startnotysje.

Fia Natuer mei de Mienskip binne stappen set om ta in beslút te kommen oangeande de **meast kânsrike oanpak foar it ynrjochtsjen fan it natuernetwurk yn Fryslân**. Natuer mei de Mienskip is ûnderwilens in jier oan 'e gong, de gearwurkingsorganisaasjes stiet en is mei meardere pilots oan 'e slach. De earste resultaten wurde sichtber. Bygelyks as it giet om it oanlûken fan ekstra fûnsen foar Natuurnetwerk Nederland. De ferwachting is dat oan de ein fan de pilotfaze foar op syn minst 2 miljoen euro yn oanfraach of realisearre is. Ek binne der ynstruminten ûntwikkele dy't daliks tapast wurde yn al rinnende gebietsprosessen en noch útein te setten prosessen, lykas by it Feangreidegebiet.

Foar de doer fan de rintiid fan it bestjoersakkoart is der opkommende oandacht foar **soarten**. Sa hat der yn it ôfrûne jier in soad omtinken west foar de swalkjende wolf dy't yn Fryslân sinjalearre is, de oerlêst dy't troch deimen feroarsake wurdt en net yn it lêste plak de fûgelgryp. Dêrneist wurdt wurke oan in seehûne-akkoart. Dêryn giet yn 2021 it foech fan it Ryk oer nei de provinsjes. It maatskiplik omtinken foar dy soarten makket dat der ek yn kommende jierren bestjoerlik en amtlik omtinken foar wêze sil.

Yn de Omjouwingsfisy 2020 is fêstlein dat wy **de gefolgen foar it lânskip yn al ús (belieds)karren behelje**. Yn de ynhâldlike prinsipen hawwe wy ússels oplein dat wy neist lânskip de kwaliteit fan de omjouwing as ûntwerpbasis nimme by de (belieds)karren dy't wy meitsje. Troch mei dy prinsipen te wurkjen kinne wy by grutte opjeften, projekten en programma's, lykas fan de RES, it Feangreideprogramma en de Nije Ofslútdyk, ûntwerpend ûndersyk en lânskipskennis ynsette. De gefolgen foar it lânskip wurde dêrmei ûnderdiel by de beliedsôfwaging dy't wy meitsje. Yn de omjouwingsfisy is dêrneist útsteld om te ûndersykjen oft in Omjouwingsprogramma Lânskip bydrage kin oan it werkenber hâlden fan de Fryske lânskipstypen. Dêr wurdt no útfiering oan jûn.

Wat de gearwurking oangeande lânskip oanbelanget, hawwe wy de aktiviteiten fan Landschapsbeheer Friesland (LBF) en de Nationale Landschappen (Noardlike Fryske Wâlden en Stichting Mar en Klif) fia provinsjale subsydzjes finansjeel stipe. Dy aktiviteiten slute oan op de provinsjale beliedsdoelen foar it behâld en de ûntwikkeling fan it Fryske lânskip en it maatskiplik draachflak dêrfoar. Dêrneist is der fia it Europeeske Plattelands Ontwikkelings Programma (POP3) mei ynset fan provinsjale kofinansiering Europeeske subsydzje ferliend foar it ophelpen fan lânskipseleminten. Dy projekten wurdt útfierd troch in gearwurkingsferbân fan agraryske kollektiven en Landschapsbeheer Friesland, yn ôfstimming mei it Agrarysk natuer- en lânskipsbehear (Anlb) en de tematske struktuerfisy Grutsk op 'e Romte.

It klimaat feroaret: de seespegel giet omheech, it fersâltjen nimt ta, de simmers wurde drûger en de winters wurde wieter. De provinsje wurket fia de haadtema's Wetterfeilichheid, Genôch Wetter en Skjin Wetter oan klimaatadaptaasje en -mitigaasje en yn it bysûnder oan **ferbettere wetteropfang en konkreet ynrjochte retinsjegebieten**. It doel dêrby is om de risiko's op oerstreaming en wetteroerlêst lyts te hâlden, de ynfloed fan it fersâltjen te beheinen en te soargjen foar genôch swiet wetter foar ûnder oare in duorsume takomstige drinkwetterfoarsjenning. Wy hawwe ynset om alle jierren op syn minst trije projekten te realisearjen dy't soargje foar de opfang en it

fêsthâlden fan wetter. Strikend mei it troch ús te realisearjen resultaat 'mjitbere suksessen te heljen op it mêd fan klimaatadaptaasje' binne yn de ôfrûne jierren op de hegere sângrûnen mei-inoar acht projekten 'om wetter fêst te hâlden' úteinset. Yn 'e mande mei Wetterskip Fryslân wolle wy mei dy praktykproeven ynsjoch krije yn de effektiviteit fan maatregels om wetter op de sângrûnen te konservearjen. By alle dielnimmende agraryske bedriuwen wurdt in bedriuwswetterplan opsteld dat útrint yn in útstel fan maatregels dy't nommen wurde kinne om wetter fêst te hâlden. Dat maatwurk wurket goed, mar wy kinne de grutte oanfraach mei de beskikbere kapasiteit net byhâlde. Wat de wetterberging oanbelanget, dêryn rinne wy efter op ús ambysjes. Wetterskip Fryslân hat sûnt it begjin fan de bestjoersperioade mar 26 bunder wetterberging realisearre útgeande fan de plande 300 bunder oer twa jier. It realisearjen fan wetterberging kostet mear tariedingstiid as pland, sa docht bliken.

Om it resultaat **Potato Valley** te realisearjen, sette wy yn op in ferbreiding nei it tema fersâltjen yn stee fan allinne sâlte tylt. Fersâltjen is de bredere opjefte foar Fryslân en wy binne yn oerlis mei fiif partijen (RUG, WUR, Van Hall Larenstein, Franeker Academie en Potato Valley) om te kommen ta in kennisintrum fersâltjen.

Yn de ôfrûne perioade hawwe wy in Taskforce Feangreide opset. Sûnt febrewaris 2020 is de taskforce yn opdracht fan ús operasjoneel ûnder de namme **Ynspiraasjeteam Takomst Feangreide** (YTF). De útfiering fan it Feangreidebelied is in primêre taak fan ús yn gearwurking mei Wetterskip en de oanbelangjende Feangreidegemeenten. De term Taskforce Feangreide, sa't dy yn it bestjoersakkoart stiet, docht tinken dat dat team in taak yn de útfiering krije soe, mar dat is in taak foar boppeneamde partijen. Om betizing oer dizze term foar te kommen is keazen foar de term: Ynspiraasjeteam Takomst Feangreide. It is in multydisziplinêr team fan ûnôfhinklike saakkundigen dy't op grûn fan in ynspirearjende en reflektearjende rol ús en oare oanbelangjende oerheden helpe by ús taak om it Feangreidebelied effektyf en mei draachflak út te fieren. It YTF spilet har rol yn nauwe gearspraak mei it 'Bestjoerlik Oerlis Feangreide' (BOF). Yn de oanrin nei it ûntwerp-Feangreideprogramma 2021-2030 hawwe it ITF en it BOF geregeld mei-inoar oerlis hân. It YTF hat har ynput yn it 'Ynspiraasjemagazine Feangreide 2050' bondele. Dat produkt is ferline jier, begjin novimber, tagelyk mei it op besjen lizzen fan it ûntwerp-Feangreideprogramma publisearre en yn in webinar taljochte.

Yn oansluting op de yn maaie 2020 fêststelde Nota Grûnbelied binne wy mei in tal aktiviteiten útein set. Sa binne wy begûn om de **ynterne grûnbank**, dy't alle besteande grûnbesittings fan de provinsje omfiemet, stal te jaan. Dêrneist wurket de provinsje by gebietsyntjochting nau gear mei oare partijen út de Mienskip. Wy wolle foar alle gebieten of opjeften noch in better oersjoch fan en ynsjoch yn de beskikbere mooglikheden krije oangeande de grûnen. Dêrmei wolle wy in ferhastiging yn de gebietsprosessen beâvensearje. Foar dy gearwurking jouwe wy ek stal oan de **Fryske Grûnbank** as mienskiplik gearwurkingsferbân, dêr't meardere stikken grûn administratyf yn ynbrocht wurde kinne. Wy binne dwaande de behearsorganisaasje fierder te optimalisearjen en dêrby wurdt ek oan it fuortsterkjen fan it grûnteam wurke. De ramten oangeande de strategyske grûnfoarried hawwe wy fierder útwurke en dat ynstrumint sil ûnderdiel fan de ynterne grûnbank en grûntafel wurde. Mei ús partners binne wy yn petear oer de Fryske Grûnbank en de rol dy't de strategyske grûnfoarried dêrby hawwe kin.

Foar it fêststellen fan it **ambysjenivo foar it Fryske feangreidegebiet** is yn 2019 in MKBA útfierd. Op basis fan dy analyse is in senarioar foar it ambysjenivo makke, dat beskiedend west hat foar de doelen en opjeften dy't yn it ûntwerp Feangreideprogramma 2021-2030 opnommen binne.

Sûnt mids 2019 hat de **stikstofproblematyk** in soad omtinken fan de provinsjale organisaasje frege. It ferbieden fan de PAS-systematyk troch de Ried fan Steat hie grutte ympakt op de fergunningferliening en dêrmei op de bedriuwsfiering en it takomstperspektyf fan in soad bedriuwen yn Fryslân. De regeljouwing dy't dêrop antisipearre late ta grutte ûnrêst en boereprotesten yn oktober 2019. Fan dat stuit ôf is in yntinsive dialooch mei lânbou, natuer, bou en oare oanbelangjende organisaasjes fierd. Yntern is it programma Stikstof opset en yn 'e mande mei Ryk en oare provinsjes is - en wurdt noch hieltyd - nei oplossings foar de ferskate problemen socht. Foar de fergunningferliening is de regeljouwing no foar it grutste part wer operasjoneel, mar foar in soad oare knyp punten, lykas de meldings en natuerferbettering, wurkje wy oan oplossings. Mei it fêststellen fan de stikstofwet yn desimber 2020 is nei it definityf fêststellen yn febrewaris yn de Earste Keamer it wetlik ramt no dúdlik, fia it programma natuer krije wy 10 jier lang middels om oan natuerferbettering te wurkjen. Yn de gebietsrjochte oanpak wurde alle opjeften dêr't it om giet derby behelle.

3.4 | Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?

De ynfloed fan de koroanakrisis liket op de ûntwikkelingen fan de resultaten, dy't ûnder Grien Fryslân falle, beheind west te hawwen. Wol hat it organisearjen fan it proses foar it mienskiplike ferbetterprogramma bioferskaat wat opûnthâld oprûn, omdat de behanneling fan de startnotysje yn PS útsteld wurde moast (fan april 2020 nei septimber 2020).

Foar wat Natuer mei de Mienskip oanbelanget hawwe benammen de gebietpilots opûnthâld hân, trochdat der úteinlik gjin gearkomsten yn it gebiet hâlden wurde koene en de gebietsoanpak oanpast is. Wy wurkje no yn lytsere dielgebieten mei lytsere groepen.

By de gebietsproessen yn it gebiet Burgumer Mar en De Leien is de oanpak fanwegen de koroanakrisis ek oanpast en fertrage, mar no wurdt der folop mei grûneigeners praat om ta in plan te kommen foar de realisasje fan it Natuurnetwerk Nederland. It opûnthâld dat oprûn is troch it net trochgean kinnen fan gearkomsten yn ferbân mei de koroanakrisis jildt ek foar de gebietsproessen Alddijp, Alde Feanen, Achtkarspelen-Súd en Beekdelling Lende. De plande oanbestegings fan wurken yn 2020 binne wol trochgien.

3.5 | Wat sille wy noch dwaan?

Neffens de planning is ús stribjen om fan 't maitiid in **ferbetterprogramma bioferskaat** fêstlizze te kinnen, dêr't konkrete ôfspraken yn opnommen wurde om de delgeande line fan it bioferskaat om te bûgen. It ferbetterprogramma bioferskaat is in earste aksje dy't op de provinsjale Omjouwingsfisy folget. Yn de Omjouwingsfisy is it ferbetterjen fan bioferskaat ek as urginte opjefte beneamd. Ferbettering fan bioferskaat wolle wy berikke troch de kwaliteit fan de libbensgebieten te ferbetterjen en troch it fuortsterkjen fan de ferbining tusken bioferskaat en de mienskip. Dêrfoar wolle wy ynsette op it ferbetterjen fan basiskwaliteit en de gearhing fan de libbensgebieten, it fuortsterkjen fan de ferbinings tusken lânbou, ekonomy en natuer. Ek wolle wy troch mear edukaasje ynsette op bewustwurding yn de mienskip.

Yn de rin fan dit jier sille wy jimme mei de Evaluaasje Nota Greidefûgels 2014-2020, it Aanvalsplan Grutto en de petysje Fryslân Greidefûgellân it nije greidefûgelbelied tastjoere. Wy fine it wichtich dat de beskerming fan **greidefûgels** yn in rendabele agraryske bedriuwsfiering past en bydraacht oan de kwaliteiten en de wearde fan it Fryske lânskip. It kombinearjen fan lânbou mei oare funksjes en belangen yn it lanlik gebiet foarmet in grutte opjefte foar de kommende perioade.

Yn de kommende perioade sille wy de pilots fan 'natuer mei de mienskip' dy't foar it ynrjochtsjen fan it natuernetwurk yn Fryslân opset binne, ôfslute en evaluearje. Dy pilots sille yn de twadde helte fan 2021 ôfsletten wurde. Op basis fan de útkomsten sille wy jimme begjin 2022 de **meast kânsrike oanpak foar it ynrjochtsjen fan it natuernetwurk yn Fryslân** presintearje.

Wy sette ús yn de kommende jierren hieltyd wer yn om de gefolgen foar **it lânskip yn ús (belieds)karren te beheljen**. Wy sille it Omjouwingsprogramma Lânskip yn de rin fan dit jier oan jimme presintearje. Ek stelle wy fan 't jier op 'en nij in subsydzjeregeling iepen foar it opknappen fan lânskipseleminten yn it ramt fan de Europeeske POP3-subsydzjeregeling.

De ûntwikkelingen fan it klimaat jouwe oan dat it ferlet om foar drûge perioaden **wetter fêst te hâlden** en yn wiete perioaden foar it opfangen fan pykôffieren **wetter te bergjen** grutter wurdt. Dêrom wurdt it ûnderwerp wetter fêsthâlde/konservearje op de hegere sângrûnen fan Fryslân ien fan de ûnderwerpen fan it Regionaal Wetterprogramma (2022-2027) fan de provinsje Fryslân. Us útstel is om dat foar de kommende jierren mear programmatysk op te pakken. Neffens de planning fan Wetterskip Fryslân wurdt yn de kommende jierren wer mear kapasiteit foar wetterberging realisearre. Dêrmei soe de oprûne efterstân foar in grut part wer fuortwurke wurde. Wetterberging wurdt ek in wichtich ûnderwerp yn it op te stellen Regionaal Wetterprogramma.

It **Ynspiraasjeteam Takomst Feangreide** hat yn har publikaasje twa konkrete oanrekommandaasjes dien om fan optimale mearwearde wêze te kinnen by de útfiering fan it Feangreidebelied. Wy sille fierder oan 'e slach mei de oanrekommandaasje om mei ien of meardere represintative proeven op gebietsnivo útein te setten. De foar 2050 te berikken situaasje wurdt dan yn in lyts gearhingjend dielgebiet yn ien kear, yntegraal en oer de folle breedte trochfierd. Ek it bouwen oan in regionale fiedselstring en de krêft fan de regionale merk pakke wy fierder op. Dêrby wurdt yn in proses yn en mei de regio in syktocht nei in oerkoepeljend ferhaal oangien, mei oanknopingspunten foar lokale ynfolling en in sintraal plak foar it perspektyf fan de takomstbestindige Feangreideboer. It Ynspiraasjeteam wol dêrby ek in bydrage leverje oan in Feangreidebelied dat effektyf en mei draachflak útfierd wurdt.

De **Fryske Grûnbank** sit noch yn de ûntwikkelingsfaze. Mei ús partners hawwe wy in ynventarisasje oer de winsken en bylden oangeande de nije grûnbank hâlden. Dy bylden binne mei de Provinciale Commissie Landelijk Gebied (PCLG) dield. De bylden rinne foar in part útinoar en binne foar in part mei-inoar yn oerienstimming. Oanslutend dêrop is mei de dielnimmers fan de PCLG in wurkgroep foarme om de grûnbank fierder stal te jaan. Dy groep hat no in tal kear byinoar west en riedt in tal saken foar. Nei alle gedachten wurde yn it twadde fearnsjier fan 2021 de kontoeren fan de Fryske Grûnbank mei de PCLG bepraat en fêststeld.

It **Feangreideprogramma** 2021-2030 stelt net allinne opjeften, ambysjes en doelstellingen, mar is ek in útfieringsprogramma dy't konkrete generike en spesifike maatregels foar it Feangreidegebiet sketst. De strukturele feroarings dy't nedich binne, freegje om in yntegrale oanpak en brede gearwurking tusken partijen yn en bûten it gebiet. Wy wolle dêrom yn de kommende tiid trochgean mei de gebietsoanpak dy't wy al folgen. Yn de gebieten folje wy mei-inoar fan ûnderenop yn wat yn dat gebiet kin, wat winsklik is en hokker stipe dêrby nedich is. Dat dogge wy yn 'e mande mei boeren, ûndernimmers, oerheden, natuerorganisaasjes, ynwenners en hûseigeners yn it gebiet.

3.5.1 Stikstofanpak en Programma Natuer

Wy sille fierder útfiering jaan oan ús **stikstofanpak** troch, los fan de yn ús bestjoersakkoart formulearre resultaten, ús fierder yn te setten foar de ambysje om de kwaliteit fan grûn, wetter en lânskip fierder te ferbetterjen. Yn 2035 mei hast trijekwart fan de stikstofgefoelige natuer net mear troch stikstofdelslach skansearre wurde. Dêrfoar moat de stikstofútstjit troch de helte. Der binne dêrby troch it Ryk ek tuskendoelen formulearre: yn 2025 moat 40% fan it stikstofgefoelige Natura2000-areaal ûnder de krityske deposysjewearde lizze, yn 2030 de helte.

It stikstof útfieringsprogramma sil mids 2021 oan jimme foarlein wurde. Dêrby sette wy ús yn om de te hege stikstofdeposysje nivo's yn de N2000 gebieten te ferleegjen en sa noed te stean foar it ophelpen fan de natuer; de problemen mei de fergunnings en meldings op te lossen; romte te meitsjen foar nije ûntwikkelingen en de transysje fan de lânbou nei in mear natuerynklyusyf plattelân te stypjen. Wichtige ynset sil -gebietsrjochte-dien wurde yn de oergongsgebieten om de stikstofgefoelige N2000 gebieten hinne. It programma natuer, dat mei Ryksmiddels yn 2021 útein sette sil, sil dêr de wichtichste drager foar wêze.

In wichtige pylder fan de stikstofanpak is it **Programma Natuer**. Yn 2020 hawwe Ryk en provinsjes yn nauwe gearwurking mei de terrein behearende organisaasjes in Utfieringsprogramma Natuer útwurke. Dêr steane ôfspraken yn oer de ambysje en opjefte, ramten foar de maatregels, monitoaring en rapportaazje en it gearwurkingsmodel. Mei it Programma Natuer stribje wy nei it op oarder bringen fan kondysjes dy't nedich binne foar in lanlik geunstige steat fan ynstânhâlding neffens de Vogel- en Habitatrjochtlíne. Dêr wurdt in gearhingjend pakket fan maatregels foar ynset dat op stikstofreduksje, natuerfuortsterking en ferbettering fan natuer, en mear natuerynklyusive romtlíke ynrjochting rjochte is. Oant en mei 2030 wurdt alle jierren in substansjeel bedrach, oprinnend nei € 300 miljoen, beskikber steld foar natuerferbettering en natuerûntwikkeling, mei de fokus op stikstofgefoelige soarten en habitats.

It Programma Natuer wurdt yn fazen útfierd. Yn de earste faze fan trije jier sille provinsjes, Ryk en maatskiplike partners mei de útfiering fan de earste maatregels útein sette. De provinsje Fryslân kin binnen de stelde kritearia in oanfraach foar middels dwaan binnen in bânbreedte fan 6 – 10%. Dat betsjut dat foar de earste trije jier likernôch 15 miljoen euro yn 't jier, eksklusyf in hegere behearfergoeding (fan 75 nei 84% fergoeding foar natuerbehear), ynset wurde kin foar it ferbetterjen fan de natuer, foar it realisearjen fan ús formulearre ambysje.

3.6 | Konklúzjes

Foar it fierder realisearjen fan it resultaat om it ferlies fan bioferskaat yn Fryslân om te bûgen en kwaliteit fan grûn, wetter en lânskip te ferbetterjen, spilet de fierdere ûntwikkeling fan de stikstofoanpak in grutte rol. Yn de fierdere perioade fan útfiering fan ús bestjoersakkoart sil dêr dan ek in soad prioriteit oan jûn wurde.

Underwilens hawwe wy, om de yn it bestjoersakkoart formulearre resultaten realisearje te kinnen, ek ferskate konkrete aktiviteiten opset. Sa hawwe wy ûnder oare in trajekt oangeande bioferskaat opset. Nei't wy jimme fan 'e maitiid it úteinlike **ferbetterprogramma bioferskaat** foarlizze, kinne wy dan ek it formulearre resultaat om te kommen ta in ferbetterprogramma bioferskaat realisearje.

Om it tal **greidefûgels** yn gebieten mei agrarysk natuerbehear tanimme te litten, folget begjin dit jier in evaluaasje Nota Greidefûgels en de Startnotysje Greidefûgels 2021-2030. Dêrby stribje wy net allinne nei in tanimmen fan greidefûgels yn gebieten mei agrarysk natuerbehear, mar yn it hiele lanlike gebiet. Omdat lykwols net allinne ús ynspannings fan ynfloed wêze kinne op it úteinlike tal greidefûgels yn ús provinsje, is it net wis oft it tal greidefûgels foar de ein fan de bestjoersperioade feitlik tanimme kin.

Yn de rin fan dit jier folget ek in útstel fan ús om ta in beslút oer de meast **kânsrike oanpak foar it ynrjochtsjen fan it Natuernetwurk** yn Fryslân komme te kinnen. Mei de tariedings dêrfan rinne wy op skema en wy ferwachtsje dan ek dat resultaat realisearje te kinnen.

In wichtige stap om te kommen ta realisaasje fan it resultaat om by al ús beliedskarren de gefolgen foar it lânskip te beheljen, is dat wy yn de omjouwingsfisy 2020 fêstlein hawwe dat wy dat ek feitlik dwaan sille. No is it fierder fan belang om by ús beliedskarren yn de praktyk ek feitlik rekken te hâlden mei de gefolgen foar ús Fryske lânskip.

De flugge feroaring fan ús klimaat jout de urginsje oan fan klimaatadaptaasje en -mitigaasje. Oangeande it kommen ta mjitbere suksessen op it mêd fan **klimaatadaptaasje** troch sterk ferbettere **wetteropfang** en it konkreet ynrjochtsjen fan **retinsjegebieten** rinne wy wat efter. Realisearring fan wetterberging kostet yn de praktyk mear tariedingstiid as pland, sa docht bliken. Wy ferwachtsje dan ek dat wy dit resultaat sûnder ekstra ynspanning net hielendal realisearje kinne foar de ein fan dizze bestjoersperioade.

Wy ferwachtsje wol dat **Potato Valley** him, yn 'e mande mei oare partners, ûntwikkelet ta in tagonklik en essinsjeel kennisintrum op it mêd fan sâlte tylt. Wy sette dêrfoar yn op ferbreiding nei it tema fersâltsjen yn stee fan allinne sâlte tylt.

Wy hawwe ynset op it ynstellen fan it **Ynspiraasjeteam Takomst Feangreide** dat troch syn ynspirearjende en reflektearjende rol in bydrage leveret oan it effektyf en mei draachflak útfieren fan it Feangreidebelied.

Alle provinsjale grûnen binne registrearre yn de **ynterne provinsjale grûnbank**. Tagelyk mei it stal jaan oan in ynterne grûntafel, dêr't ôfstimming mei de opjeften oer de ynset (oan- en ferkeap) fan stikken grûn en de strategyske grûnfoarried syn beslach yn kriget, wurkje wy oan in grûnteam dat it bestjoer yntegraal advisearje kin. Dêrneist hat

de ynset fan provinsjale stikken grûn ek in relaasje mei de Fryske Grûnbank yn oprjochting, omdat grûnmobiliteit dêr grif in tema wêze sil.

De stikstof oanpak en it programma natuer binne foar de provinsje foar de kommende perioade opjeften fan grut belang. It giet dêrby om de ynset fan in soad middels yn in gearhingjend pakket fan maatregels.

HAADSTUK 4

Agrarysk Fryslân



Ambysje: De Fryske Lânbou is sûnt lange tiid in ‘fjouwer stjerren’ lânbou. Wy helpe de sektor dêr in fiif stjerren lânbou fan te meitsjen, wêrby’t de fiifde stjoer in griene stjer is


4.1 | De resultaten dêr’t wy foar steane yn ien eachopslach

Resultaten	Fuortgong
18. De mooglikheden foar boeren om it organyske stofgehalte yn de grûn te fergrutsjen binne ferbettere, mooglik fia in systeem mei CO ₂ -sertifikaten	
19. It oandiel biologyske lânbou yn Fryslân is groeid	
20. Dairy Valley groeit fierder nei in ynternasjonaal foaroprinnend kennisknooppunt	
21. Der is in yntegrale, mei belanghawwenden opstelde, lânbou-aginda	

4.2 | Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?

- De wurkgelegenheid yn de Fryske agrifoodsektor is yn 2018 mei 3,4% en yn 2019 mei 0,7% groeid. Mei-inoar biedt de sektor oan goed 30.000 minsken yn Fryslân wurk. Nei’t de wurkgelegenheid earst sakke en sûnt 2010 stabilisearre, is dat yn de ôfrûne fjouwer jier nei in lichte groei ombûgd (Wurkgelegenheidsregister, provincie Fryslân).
- Fryslân telt yn 2020 4.204 lânboubedriuwen, 2.525 dêrfan binne melkfeebedriuwen. Yn de ôfrûne fiif jier is it tal lânboubedriuwen mei 1.027 sakke. It tal melkfeebedriuwen is yn dyselde perioade mei 299 sakke (CBS).
- Fryslân hat in oandiel fan 16,1% fan alle Nederlânske melkfeebedriuwen mei-inoar en in oandiel fan 18,8% yn de lanlike melkfeesteapel. Yn de ôfrûne fiif jier is de Fryske melkfeesteapel mei 2,5% groeid. Lanlik wie der yn deselde perioade in krimp fan 1,8% (CBS).
- Yn 2020 bedraacht it oandiel biologyske lânboubedriuwen yn Fryslân 4,0%. Dat is krekt wat mear as it lanlike biologyske oandiel fan 3,5%. It tal biologyske lânboubedriuwen

giet stadich omheech. Yn de ôfrûne fiif jier naam it tal bedriuwen mei 38 ta oant mei-inoar 169 (CBS).



Boarne: CBS

4.3 | Wat hawwe wy oant no ta dien?

Wy hawwe de ambysje yn it bestjoersakkoart, om fan de Fryske lânbousektor in fiif stjerren lânbou te meitsjen, sa útwurke: Fryslân stribbet nei in duorsume, natuerynklusive lânbou yn 2025, dy't grûnôfhinklik en sirkulêr is, bydraacht oan it ferbetterjen fan bioferskaat, maatskiplik draachflak hat én net yn it lêste plak ekonomysk rendearjend is. As dat sa is, dan is der wat ús oanbelanget sprake fan fiifde griene stjer foar de Fryske lânbou.

Om de mooglikheden foar **boeren om it organyske stofgehalte yn de grûn te fergrutsjen** te ferbetterjen, binne wy yn it ramt fan it grûnkonvenant mei in systeem fan CO₂-sertifikaten útein set. Dy ûntwikkeling leit lykwols stil en wy ûndersykje no oft wy mei de stichting Proefbedrijven Noordelijke Akkerbou (SPNA) in oanpak fan de grûn krije kinne fan tûk lângebrûk, om dêr de mooglikheden fan boeren mei te fergrutsjen. Wy stypje as provinsje, ûnder oare fia de regiodeal Súd East Fryslân, ek it kennissyndikaat Bodem dat by de fersprieding fan kennis fan dat punt behelle is.

It tal **biologyske lânboubedriuwen** yn Fryslân giet hieltyd troch omheech. Mei de Feriening Fan Biologyske Boeren Fryslân (FBBF) sjogge wy, op basis fan harren koersdokumint, hoe't en wêr't de provinsje de biologyske lânbou stimulearje of fasilitearje kin. Wy ferliene ûnder oare subsydzje om mear kennis oer biologyske lânbou yn it ûnderwiis kurrikulum fan Van Hall Larenstein op te nimmen.

Wy wolle **Dairy Valley** yn kombinaasje mei de Dairy Campus graach mei belanghawwenden ynternasjonaal op 'e kaart sette. It moat fierder groeie nei in ynternasjonaal foaroprinnend kennisknooppunt. Ferline jier binne wy lykwols mei belanghawwenden ta de konklúzje kommen dat dat noch net slagge is. Yn 2020 hat de provinsje dêrom it inisjatyf nommen om in ûndersyk nei de takomst fan Dairy Valley útfiere te litten. Doel is te ûndersykjen hoe't en as dat sa is, op hokker wize ûnderwiis, bedriuwslibben en oerheid alle trije de win-win situaasjes sjogge en harren dêrtroch ferbûn fiele sille mei Dairy Valley. Dat ûndersyk wurdt yn 'e maitiid fan 2021 ôfsletten. In kertiermakker sil sjen op hokker wize Dairy Valley mear by de regionale

opjeften, dy't de agraryske sektor hat, behelle wurde kin. Sa wurdt ynset om yn 2021 nije enerzjy oan dy netwurkgearwurking mei te jaan en nei mienskiplike doelen ta te wurkjen.

Wy binne as provinsje op it mêd fan biobased lânbou in strategyske gearwurking mei de universiteit Wageningen (WUR) oangien.

Wy fiere de Regiodeal Natuurinclusieve Landbouw Noord Nederland út, wêrby't wy yn 'e mande mei Grinslân, Drinte en it Ryk natuerynklusive lânbou op in gebietsrjochte wize yn Noard-Nederlân útfiere. It mei alle belanghawwenden opstellen fan in yntegrale lânbou-aginda sjogge wy as in wichtige katalysator dy't bydrage sil oan ús ambysjes foar de lânbou. Wy hawwe de startnotysje lânbou yn novimber ferline jier oan jimme foarlein en de lânbou-aginda folget yn it twadde fearnsjier fan dit jier.

4.4 | Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?

By de boeren sjogge wy dat de koroanakrisis konkreet ta problemen laat yn de ôfset fan ierappels en produkten út de siertylt, mar benammen ek troch in tanimmen fan psychyske problemen by boeren oangeande harren takomst. Oan 'e oare kant gie de ferkeap fan lokale produkten (streekboer) omheech en hawwe dy ûntwikkelingen partijen ek mei inoar yn petear brocht en groeit it besef dat transysje (systeemferoaring) nedich is.

4.5 | Wat sille wy noch dwaan?

Ek yn de kommende jierren kriget Living Lab wer subsydzje om dêrmei de kennis oer natuerynklusiviteit te ferbinen en foar partijen tagonklik te meitsjen, mei foarbylden út de praktyk.

Wy geane fierder mei de lânboudeals, wêrmei't wy in bydrage leverje oan ûnder oare de Kaderrichtlijn Water (KRW), de oanpak fan de stikstofproblematyk en it programma Bioferskaat.

Wy sille ús dielnimmen oan it Noardlik netwurk Agro Agenda yntinsivearje. Yn dat netwurk is de hiel string fan produsint oant (hast) konsumint fertsjintwurdige en it netwurk rjochtet him op de transysje fan de lânbou. Wy fasilitearje dêr yn fiif eksperimenteargebieten de neikommende aktiviteiten mei:

- 1 De lânbou duorsumer meitsje nei de 5e stjer
- 2 De advysfunksje rjochting de regiodeals
- 3 It opsetten fan de 'melkfee-aginda'

Wy leverje ynbring (ûnder oare mei lobby) foar it nije Europeeske Gemeenschappelijk Landbouwbeleid (GLB). Wy wurkje mei oan it opstellen fan it Nacionaal Strategisch Plan (NSP) op basis wêrfan't de Europeeske middels yn Nederlân ferdield wurde sille. Dêrby wurdt ûnder oare oan pakketten foar fergoedings foar ekosysteemtsjinsten wurke.

Op basis fan it ûndersyk nei Dairy Valley sille wy beoardielje hoe't wy der mei-inoar foar soargje kinne dat Dairy Valley nei it winske ynternasjonaal foaroprinnend

kennisknooppunt groeie sil. De neikommende punten binne krúsjaal:

- 1 Fokus en ûnderskiedend fermogen binne rânebetingsten foar sukses. Wêr fine wy mei-inoar dat wy goed yn binne en hokker mienskiplike 'stip op de hoarizon' wolle wy sette? Yn it beliedsbrief Ekonomy stiet dat wy dêrby ferbining meitsje moatte tusken de sterke Fryske klusters (Wetter, HTSM, Sirkulêr), ûnder oare op it mêd fan digitalisearing en A.I.
- 2 Mearwearde foar de oanbelangjende partijen. Mearwearde kin bygelyks yn jild lizze (fertsjinmodel), yn it ekosysteem en/of yn kennis.
- 3 De rol fan in pear grutte, sterke partijen as lûkers. Neist mooglike Fryske organisaasjes sykje wy ek nei lanlike dragers (op grûn fan it lanlik belang).

Op basis fan de startnotysje stelle wy in lânbou-aginda op dy't wy jimme yn de rin fan dit jier foarlizze wolle. Yn de lânbou-aginda wolle wy ek de ferbining meitsje mei oare provinsjale opjeften. Troch it stypjen fan de lânbou kinne wy dy by steat stelle om mei goede fertsjinmodellen oan dy opjeften by te dragen en dêrmei ek oan de Brede Wolfeart yn Fryslân. Foarbylden binne Feangreide, Bioferskaat, Ekonomy en Natuerferbettering.

Wy wurkje oan in fiifde griene stjer fan de lânbou, troch mear agraryske bedriuwen dy't in biologysk bedriuwssysteem tapasse en/of ekosysteemtsjinsten leverje. Wy sette dêrby yn op de ûntwikkeling fan in Frysk fûns om dy ûntwikkeling gong te jaan en te fasilitearjen.

4.6 | Konklúzjes

Wy kinne ús ambysjes en de byhearrende resultaten allinne mar realisearje yn gearwurking mei in soad partijen en binnen de ramten fan it Europeeske en Ryksbelied. De ûntwikkelingen yn de agrifoodsektor wurde benammen troch Europa en it Ryk regulearre. Der leit ek in wichtige rol by de boeren sels, dy't de karren op harren eigen bedriuw meitsje. De transysje fan de lânbou freget tiid en sil stadichoan ferrinne. Boeren en bedriuwen nimme ynvestearingsbesluten foar 20 oant 30 jier. Geandewei wurkje wy, yn 'e mande mei alle belanghawwenden, nei de winske duorsume en natuerynklusive lânbou. Wichtich dêrby is om boeren in perspektyf foar langere tiid te bieden. Der komme in soad ûntwikkelingen op de lânbou ôf en de ambysjes binne grut. Us ambysje is dan ek allinne te realisearjen troch alle perspectiven te bondeljen en troch de hiele string fan it ekosysteem te ferbinen. De transysje dêr't wy foar steane giet om de oergong fan in sektorale nei in yntegrale oanpak fan de lânbou. Dat sil in kwestje fan de lange azem wêze en net binnen de termyn fan ús bestjoersakkoart realisearre wurde kinne.

De wichtichste ûntwikkeling foar de lânbou is de útspraak fan de Ried fan Steat yn maaie 2019 oer de Programmatische Aanpak Stikstof (PAS) en de stikstofkrisis dy't dêrút folge. Troch de ympasse fan net legalisearre fergunnings sit in grut tal bedriuwen yn ûnwissichheid. Dat set harren bedriuw ûntwikkeling op 't slot. Ek de situaasje dat der noch gjin konkrete doelen steld binne en karren makke binne oangeande de oanpak stikstof, makket dat in part fan de Fryske agraryske bedriuwen yn harren ûntwikkeling stil steane. Fan de kant fan de agraryske sektor komt it fersyk om earst te legalisearjen, dan te 'ferleasen' en earst dan ekstern te saldearjen. Dêrby moat opmurken wurde dat it de bedoeling is dat de romte dy't by it ekstern saldearjen oerbliuwt, de saneamde

snijferliezen, yn it regionale stikstofregistraasjesysteem ûnderbrocht wurdt en dêrnei ynset wurde kin foar de legalisaasje fan de PAS-opjefte of ekonomyske ûntwikkelingen. Foar wat de stikstofopjefte oanbelanget, is de agraryske sektor in grutte knop om oan te draaien. De melkfeehâlderij is karakteristyk foar it byld fan Fryslân en fan ekonomysk belang yn Fryslân. Bedriuwbeëiniging hat dan ek net de foarkar. Opkeapje kost ek in soad jild. Fryslân set as earste yn op it safolle mooglike behâlden fan bedriuwen troch bedriuwferpleatsing, koöperative oplossings yn it gebiet te finen, boarnemaatregels ta te passen of de bedriuwsfiering oan te passen troch it tapassen foar foer- en managementmaatregels. De oergong nei biologyske lânbou en oare foarmen fan it duorsum meitsjen fan de bedriuwsfiering wurde stimulearre.

Op ryksnivo is de ynset dat it nije GLB (op basis fan de útwurking yn it Nationaal Strategisch Plan) bydraacht oan it realisearjen fan it klimaatakkoart. Dat slút oan by de ambysje dy't de Europeeske Kommisje mei de Green deal hat, wêryn't nei 25% biologyske lânbou stribbe wurdt.

Yn de hjoeddeistige faze fan Dairy Valley is de provinsje benammen oanfiterder. Wy sjogge de takomstige rol fan de provinsje net as lûker, mar as partner.

As provinsje hawwe wy in beheinde rol en yn de hiele string fan it ekosysteem kinne wy mei it ôftwingen fan resultaten net genôch berikke. Mar mei de aktiviteiten dy't wy ûndernimme en it mei alle belanghawwenden opstellen fan de lânbou-aginda, kinne wy in wichtige rol besykje te spyljen yn it byinoar bringen fan de hiele string yn de lânbou en de rjochting fan in duorsume en natuerynklusive lânbou.

HAADSTIK 5

Undernimmend Fryslân



Ambysje: Wy wurde de MKB-freonlikste provinsje fan Nederlân en de meast sirkulêre regio fan Europa

5.1 | De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach


Resultaten	Fuortgong
22. Wy ynvestearje yn sirkulêre ekonomy. Under oare wurdt de besteande voucherregeling foar it MKB útwreide mei de mooglikheid om kennis oer duorsumens- of sirkulariteitsfraachstikken op te heljen	■
23. De Fryske eksport nimt sterker ta as trochsneed yn Nederlân	■
24. Mear jonge húshâldens bliuwe yn Fryslân of komme nei Fryslân ta	■
25. Der komt in nij Frysk Underwiisakkoart mei mbo, hbo en Campus Fryslân	■

5.2 | Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?

- De COVID-19 krisis set de ekonomy flink ûnder druk. De ekonomyske groei yn 2019 komt yn Fryslân op 0,7% út, foar 1,7% lanlik*. Foar 2020 en 2021 is de ûnwissichheid grut. Ferwachte wurdt in krimp fan sawat 5% yn 2020 en in groei fan sawat 2% yn 2021 (CPB/CBS).
- Yn 2019 telde Fryslân 52.100 mkb bedriuwen, dêrûnder 35.160 zzp'ers. Neist it mkb telt it Fryske bedriuwslibben 50 bedriuwen mei mear as 250 wurknimmers, saneamde grutbedriuwen. It tal bedriuwen mei persoanel sakket al inkelde jierren in bytsje, wylst it tal selsstannigen omheech giet. Selsstannigen binne yn de provinsje goed foar 14% fan de wurkgelegenheid, lanlik is dat 11% (Wurkgelegenheidsregister, provinsje Fryslân).
- De Bedrijvendynamiek fan de Kamer van Koophandel (KvK) lit sjen dat sûnt it begjin fan de koroanakrisis yn maart 2020 der yn Fryslân oant en mei desimber 2020 sa likernôch 8 % mear bedriuwbeëinigings binne as yn 2019. Lanlik is der sprake fan 18% mear beëinigings. It tal gerjochtlik útsprutsen falliseminten is net heger as yn deselde perioade ferline jier (LISA/CBS).


- De wurkleazens yn Fryslân is yn de ôfrûne jierren flink sakke. Yn 2014 wie noch 8% fan de beropsbefolking wurkleas. Foar it útbrekken fan de koroanakrisis wie de wurkleazens mei 3,4% histoarysk leech. Ferwachte wurdt dat de wurkleazens lanlik fan trochsneed 3,4% yn 2019 nei 4,1% yn 2020 giet, om yn 2021 út te kommen op 5,6%. Foar Fryslân soe dat betsjutte dat it tal wurkleazen fan 12 nei 17 tûzen omheech giet. It meast resinte sifer lit in wurkleazens fan 4,1% yn it tredde fearnsjier sjen (CBS).
- Ekonomyske gefolgen fan de koroanakrisis wiene te sjen yn it omheech gean fan it tal WW-útkearings. Yn de moannen nei april 2020 wie de yntream in stik leger, wêrtroch't it tal útkearings net ta- mar krekt wat ôfnaam. Yn desimber is it tal útkearings krekt wer omheech gien. It tal útkearings leit yn desimber 7% heger as foar de krisis, lanlik leit it 19% heger (UWV).
- Fryslân hie mei 302.500 banen net earder safolle wurkgelegenheid as yn 2019. Yn de perioade 2015-2019 groeide de wurkgelegenheid mei 6,3%, goed foar likernôch 18.000 banen. Lanlik groeide de wurkgelegenheid mei 8% noch wat mear (Wurkgelegenheidsregister, provinsje Fryslân).
- It mkb fertsjintwurdiget 61,5% fan de Fryske wurkgelegenheid. It grutbedriuw is goed foar 8,1% fan it tal banen. It tal mkb-banen groeide yn de ôfrûne fiif jier mei 7,1% en it tal banen yn de publike sektor mei 4,7% (Wurkgelegenheidsregister, provinsje Fryslân).
- Tusken 2009 en 2019 is it persintaazje bedriuwen yn Fryslân mei ynternasjonale hannel fan 6,8% nei 8,2% gien. Lanlik is by ien op de tsien bedriuwen sprake fan ynternasjonale hannel. Dútslân is foar Fryske bedriuwen de wichtichste eksportpartner. In fiifde fan de hiele eksport giet nei Dútslân, 11% giet nei België en 6,9% nei it Feriene Keninkryk. Itensguod en libbene bisten binne mei in oandiel fan 38% de wichtichste eksportprodukten, folge troch masinen en materieel foar ferfier (32%) (CBS).

Untwikking wurkgelegenheid profit/non-profit 2009-2019 (yndeks=2009)



Boarne: Provinsje Fryslân, Wurkgelegenheidsregister

Untwikkeling fêstigings 2010-2019



Boarne: Provinsje Fryslân, Wurkgelegenheidsregister

- De ferwachting is dat de Fryske befolking yn de kommende tritich jier sakket oant 607.000 persoanen. Dêr komt boppe-op dat ek de gearstalling drastysk feroaret as gefolch fan fergrizing en ûntgriening. Dat betsjut dat de potinsjele beropsbefolking sakket fan 406.800 (62,5%) nei 335.600 (55%). In absolute fermindering fan 71.000 minsken dy't yn potinsje foar wurk yn te setten binne (sjoch ek figuer yn haadstik Leefber Fryslân). In trend kin wurde dat in effekt fan de koroanakrisis wurdt dat grutte stêden krimpe en de minsken nei it plattelân lûke. Dat kin fuortsterke wurde trochdat út ûndersyk fan de Rabobank bliken docht dat 43% fan alle banen yn Nederlân folslein út hûs wei dien wurde kinne, sûnder dat wurknimmers ea nei kantoar hoege (Bevolkingsprognose 2020, provincie Fryslân).
- In grut part fan de bedriuwen jout oan in omslach meitsje te wollen nei in mear sirkulêr fertsjinmodel. Ut ûndersyk docht bliken dat der sprake is fan in ferskil tusken in positive hâlding oangeande sirkulêr en it feitlik tapassen dêrfan. Yn 2018 paste krekt wat mear as in fiifde fan de Fryske (ûnderfrege) bedriuwen de sirkulêre prinsipen ek echt ta (RUG Campus).

5.3 | Wat hawwe wy oant no ta dien?

De kontekst wêryn't wy as ûndernimmend Fryslân oan de ambysje wurkje om de mkb-freonlikste provinsje fan Nederlân en de meast sirkulêre regio fan Europa te wurden is:

- de Europeeske aginda, dy't foar de kommende jierren dúdlik stal kriget en sterk de klam leit op de transysje nei in sirkulêre ekonomy, digitalisearring en it duorsum ekonomysk ophelpen nei de COVID-19 krisis;
- de Regionale Innovatiestrategie voor Slimme Specialisatie (RIS3) jout oan hoe't wy Noardlik op in ynnovative wize bydrage oan Europa leverje kinne;
- de aginda fan it Ryk is fan ynfloed op ús ekonomysk belied.

Foar it bydragen oan it realisearjen fan ús ambysje om de mkb-freonlikste provinsje fan Nederlân en de meast sirkulêre regio fan Europa te wurden, hawwe wy yn de ôfrûne perioade ûnderskate prikken yn it wurk set.

Sa ynvestearje wy yn **sirkulêre ekonomy** troch **kennisûntwikkeling** en it oanbod fan testfasiliteiten te stimulearjen yn ûnder oare de klusters Watertech, Agrifood, HTSM,

Circulair plastics en Maritiem. Dêrmei wolle wy it besteande mkb stimulearje op it mêd fan sirkulêre ynnovaasje en nije business development. As stypjende maatregel is ûnder oare de voucherregeling foar it mkb útwreide, mei de mooglikheid om kennis op te heljen foar **duorsumens- of sirkulariteitsfraachstikken**. Yn de regeling foar bedriuwûntwikkeling binne oant no ta 158 beskikkings ôfjûn (peildatum 4-9-2020).

Mei help fan Ynbusiness en it ITS hawwe wy it mkb stipe by ynternasjonale merkûntwikkeling en -ferkenning. Troch Fryske ûndernimmers dêr aktyf by te stypjen, wolle wy bydrage oan in **sterk tanimmen fan de Fryske eksport**. Fryslân hat in groeiend tal eksportearjende bedriuwen. Dat is oars as de lanlike trend dy't yn 2018 sakke.

Mei de partijen IPF, EBNN hawwe wy mei gemeenten en mkb wurke oan in oanfiterprojekt foar it **behâld of oanlûken fan talint**, yn it ramt fan de winsk dat mear jonge húshâldens nei Fryslân komme of yn Fryslân bliuwe. Om resultaat binne dy doelstelling helje te kinnen is it krijen fan in grut draachflak fan belang. De gearwurking mei de skoallingsalliânsje Noard hat wol al laat ta mear omtinken foar technyske beroppen yn it Technykpakt. Der lei al in **ûnderwiisakkoart** mei it hbo en de Campus Fryslân. Yn in mienskiplike gearkomste fan it Innovatieplatform Fryslân (IPF) is ûnderwilens ek it mbo oanheakke.

Wy hawwe in soad tiid en enerzjy yn de ûntwikkeling fan de Brede wolfeart monitor stutsen, yn 'e mande mei it CBS en it Fries Sociaal Planbureau (FSP). Yn haadstik 1 fan dizze tuskenbalâns binne wy dêr fierder op yngien.

Wy binne yn 2020 útein set mei de tarieding fan de beliedsnota ekonomy. Yn dy beliedsnota dy't yn jannewaris troch jimme fêststeld is, jouwe wy oan, hoe't wy út de ekonomyske ynfalshoeke wei wurkje oan it fuortsterkjen fan de brede wolfeart. Wy sjogge nammentlik dat Fryslân relatyf leech skoart op ferskate ekonomyske yndikatoaren, mar krekt heech op in tal wolwêzensfaktoaren. It is goed om lanlike en regionale trends ûnderskiede te kinnen, mar wy moatte tefoaren komme dat it as ranglist foar regio's ûnderinoar sjoen wurdt. Yn Fryslân jilde oare wearden en opjeften as bygelyks yn 'e Rânestêd.

Yn de beliedsnota wurkje wy dat út nei ambysjes oangeande brede wolfeart, sirkulariteit, krimp nei kânsen ombûge en it yn 'e mande mei ús belanghawwenden ynvestearjen yn ekonomy. Wy sjogge dêrby ek nei de resultaten út it bestjoersakkoart, mar sjogge dat yn in breder 'ekosysteem'. Foarbyld: De demografyske ûntwikkelingen sjogge der foar Fryslân hiel ûngeunstich út as it giet om jonge húshâldens en dat wolle wy ombûge. Op grûn fan de klassike ekonomyske oanpak is it dêrfoar fan belang om de wurkgelegenheid te stimulearjen. Wy moatte dêrfoar lykwols folle breder sjen nei faktoaren dy't meitsje oft minsken yn Fryslân wenjen (bliuwe) wolle en Fryslân kin him dêryn krekt ûnderskiede, omdat wy heech skoare op bygelyks de 'wolwêzensyndikatoaren'.

5.4 | Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkeling net of oars dien?

Wy sjogge dat de koroanakrisis ek yn ús provinsje in flinke en akute ekonomyske efterútgong feroarsaket en ús mooglik wol foar langere tiid yn in resesje bringt. De ymplikaasjes binne no noch net bekend en de senario's foar de takomstige ekonomyske ûntwikkelingen rinne fier útinoar. Underwilens hawwe wy, binnen de mooglikheden, fierder wurke oan it werstelmaatregelpakket 'Lok op 1: no en moarn'. Nei it fêststellen yn juny ferline jier is dat pakket no yn útfiering. Dat pakket is ûntstien troch in koart mar yntinsyf proses mei belanghawwenden. Wy sjogge dêrby fierder as de koroanakrisis en mei dat pakket wolle wy yn bydrage leverje foar de middellange termyn, oanslutend op de ambysjes út it bestjoersakkoart Lok op 1. Sûnens, ekonomy en leefberens steane dêrby sintraal. Yn it werstelmaatregelpakket Lok op 1: no en moarn wurde op grûn fan de pylders: Arbeidsmerk, ynnovaasje en fêstigings/leefberensklimaat 11 maatregels presintearre, dy't ynfolling jouwe oan de winsken fan de regio en dêrby safolle mooglik oanfoljend op it lanlike pakket binne.

Foar in takomstbestindich en fearkrêftich Fryslân is it fan belang dat lytse- en middelgrutte ûndernimmings de sirkulêre ekonomy omearmje. Wy sjogge de koroanakrisis dêrby dan ek as kâns om bygelyks mei de Vereniging Circulair Fryslân en de ferskate klusters de doelstellingen út ús beliedsbrieff sirkulêre ekonomy mei mear faasje op te pakken.

Foarbylden fan projekten binnen ûndernimmend Fryslân, dy't troch de koroanakrisis opûnthâld oprinne, binne Wolkom Thús (om jonge húshâldens werom yn Fryslân wolkom ta te roppen) en de ferpleatsing fan bedriuweterreinen. Wy sjogge dat it foarinoar krijen fan de finansiering fan dat soarte projekten troch gemeenten en bedriuwslibben yn de kontekst fan hjoed-de-dei net fan de grûn komt.

5.5 | Wat sille wy noch dwaan?

Wy wurkje op grûn fan ús jierplan fierder oan de sirkulêre ekonomy. Dêrneist sille wy út de klusters wei de kennisûntwikkeling oangeande sirkulêr fergrutsje, ûnder oare troch it oanbod fan testfasiliteiten as Food Application Centre for Technology, Water Application Centre en Nationaal Testcentrum Circulair Plastics. Troch de klusters op grûn fan it subsydzje dat wy oan harren beskikber stelle te fergjen om mear mei-inoar gear te wurkjen wolle wy dat ta stân bringe. Mear gearwurking yn it folsleine 'ekosysteem' sil oer en wer foardiel hawwe.

Fan 't jier sille wy in stimulearringsregeling en de fêstigingsregeling (wer) iepenje, rjochte op it fergrutsjen fan de Fryske eksport. Wy sjogge dêrby hokker ûnderdielen wy yn it ekosysteem ûnderbringe kinne, as dy gjin bydrage mear leverje yn it fergrutsjen fan it tal eksportearjende Fryske bedriuwen.

Foar it projekt Wolkom Thús sjogge wy yn 'e mande mei it IPF hoe't wy de gemeenten wol oanheakje kinne. Foar de bedriuweterreinen ûndersykje wy no lanlik oft der yn it IPO-pakket mei ophelpmaatregels middels beskikber foar komme kinne.

Yn de kommende jierren wolle wy troch gearwurking tusken ûnderwiisinstellingen en it ekosysteem ynsette op projekten oangeande Leven Lang Ontwikkelen (LLO). It troch ús finansiere projekt MKB Skills Booster is dêr út in goedkarde mkb deal wei in earste konkrete ynfolling fan foar it oplossen fan de it net goed opinoar oansluten fan fraach en oanbod op de arbeidsmerk. Ek mei it each op de it ôfnimmen fan de beropsbefolking yn ferskate sektoaren is dat in driuwende opjefte. Yn dat ferbân geane wy ek troch mei de ynset op it projekt Wolkom Thús. Foar it konkreet fierder ûntwikkeljen fan dat resultaat is lykwols gjin budzjet foar Human Capital reservearre. Wy sjogge dat dat wol nedich is om ek yn de kommende jierren de oansluting stypje te kinnen. No't it earste werstelmaatregelpakket No en moarn yn útfiering is, wurkje wy oan in twadde pakket.

5.6 | Konklúzjes

De realisaasje fan ús ambysje en de resultaten út it bestjoersakkoart foar Undernimmend Fryslân lizze op skema, wêrby't wy wol in foarbehâld meitsje op it resultaat oer de jonge húshâldens. Mooglik dat de hjoeddeistige ûntwikkeling dat mear húshâldens fanwegen de koroanakrisis nei Fryslân ferhúzje, dêr op termyn in positive bydrage oan leverje kin. Dat is dochs wol in resultaat foar de lange termyn, mar wy sjogge yn de kontekst fan hjoed-de-dei wol knyp punten om dat fan de grûn te krijen.

In wichtige konklúzje foar it heljen fan ús ambysje om de mkb-freonlikste provinsje fan Nederlân en de meast sirkulêre regio fan Europa te wurden is dat wy dat allinne realisearje kinne út in breder perspektyf as allinne ekonomy. Us rol feroaret dêrtroch ek. Woene wy earder stjoere op saken as it bruto nasjonaal produkt en wurkgelegenheid, no ferlizze wy de fokus nei sirkulariteit en brede wolfeart.

Wy sjogge dat wy as provinsje wichtige bydragen leverje kinne oan de kânsen dy't digitalisearring biedt foar in takomstbestindige, sirkulêre ekonomy en dat wy mei mear ynset op human capital de oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk en dêrmei ek de oantreklikens foar bedriuwen en Friezen fergrutsje kinne. Digitalisearring is ek in middel foar in takomstbestindich en fearkrêftich mkb. A.I. soe mei de komst fan in 'European digital innovation hub', mei de oanwêzigens fan it ICD, in ekstra krêft yn Noard-Nederlân wurde kinne. Wy wolle dat as ekstra doelstelling oan it bestjoersakkoart tafoegje, mar dêr binne yn de kommende jierren (noch) gjin middels beskikber foar.

HAADSTIK 6

Leefber Fryslân



Ambysje: Friezen wurdearje it libben yn Fryslân trochinoar mei op syn minst in 8

6.1 | De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach


Resultaten	Fuortgong
26. Yn it te fieren belied hâlde wy yntegraal rekken mei de demografyske feroarings wêrby't de Steaten oer de útfiering ynformearre wurde sille	
27. Safolle mooglik doarpen en wiken hawwe in eigen moetingplak	
28. Der wurde op syn minst 750 leefberensprojekten yn Fryslân realisearre mei stipe fan it lepen Mienskipfûns	
29. Der binne suksesfolle foarbylden fan fleksibele (sirkulêre) húsfêsting realisearre	
30. It tal Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen yn Fryslân is tanommen	
31. Der binne projekten útfierd dy't de sosjale leefberens yn Fryslân fuortsterke hawwe	
32. Der is dúdlikens oer de betsjutting fan Blue zone foar Fryslân	
33. De rol fan topsport yn Fryslân is struktureel ferankere	
34. Fryslân set him yn foar it ynheljen fan ynternasjonale topsporteveneminten, dêrûnder in ynternasjonale hurdfytswedstriid	

6.2 | Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?

- Yn de provinsje Fryslân is de wurdearring foar leefberens, nettsjinsteande de koroanakrisis, yn it ôfrûne jier opnij op in 7,8 útkommen. De ynwenners fan de trije Noardlike provinsjes jouwe trochinoar ûngefear itselde sifer foar leefberens. Yn alle trije

noardlike provinsjes jouwe jongfolwoeksenen trochinoar it leechste sifer foar leefberens. Hoe âlder de ynwenners, hoe heger it sifer wurdt (Frysk Sosjaal Planburo 2021).

Trochsneed sifer foar hoe't leefberens field wurdt



Boarne: Frysk Sosjaal Planburo, 2021

- 85% fan de ynwenners fan Fryslân fynt it oantreklik wenjen yn syn as har doarp of wyk. Mei't der mear ienpersoanshúshâldens binne nimt de fraach nei wenningen ta. Yn 2019 bestie 62,3% fan de wenningfoarried yn ús provinsje út keapwenten. Yn fergelyk mei 2018 is der sprake fan in lichte stiging fan 0,8 prosintpunt (FSP/CBS, wenmonitor 2020).
- Yn 2019 is 90,2% fan de Fryske befolking fan 18 jier of âlder tefreden mei it libben. Wat it jier hjirfoar oangiet is dit in stiging fan 2,4 prosintpunt (2019, CBS).
- Koroana hat yn Nederlân foar ekstra stjerre soarge, mar it effekt fan koroana op it oantal ferstoarnen yn ús provinsje is lyts. Yn 2020 ferstoaren der yn Fryslân mei-inoar 6145 persoanen, trochinoar 123 wyks. Yn 2019 wiene dit trochinoar 120 minsken wyks. GGD Fryslân hat yn 2020 fan 159 ynwenners fan Fryslân fêststeld dat se stoarn binne oan COVID-19. De koroanakrisis soarget op it stuit wol foar minder ynstream fan migranten (Factsheet Fryske befolkingsprognose, Provinsje Fryslân, 2020).
- 72,1% fan de Friezen fan 15 jier en âlder hie yn 2019 trochinoar op syn minst ienkear wyks kontakt mei famylje, freonen of buorlju. Dat is justjes minder yn fergelyk mei 2018 (-0,6 prosintpunt) (CBS).
- Yn 2019 ferrjochte 53% fan de Fryske befolking fan 15 jier of âlder yn de ôfrûne moannen frijwilligerswurk. Yn fergelyk mei 2018 is dit in lichte delgong (-1,2 prosintpunt) (CBS).
- 0,9% fan de Friezen boppe de 15 jier fiede him faak ûnfeilich yn harren buert. 65,4% fan de Friezen fynt dat minsken yn it algemien te betrouwen binne. Yn fergelyk mei 2018 is dit in lichte delgong (-0,2 prosintpunt) (CBS).

6.3 | Wat hawwe wy oant no ta dien?

Om ús ambysje dat Friezen it libben yn Fryslân trochinoar mei op syn minst in 8 wurdearje realisearje te kinnen, binne wy de ôfrûne perioade oan 'e slach gien mei de foar Leefber Fryslân formulearre resultaten út ús bestjoersakkoart.

Sa hâlde wy yntegraal by it te fieren **belied hieltyd mear rekken mei demografyske feroarings**. By it opstellen fan ús sport-, krimp- en wenbelied hawwe wy al rekken hâlden mei mooglike demografyske ûntwikkelingen. Hjirby wurkje wy nau gear mei it Fries Sociaal Planbureau en meitsje wy ûnder oare gebrûk fan de learstoel Bevolkingsdaling en Leefbaarheid.

Demografyske feroarings hawwe gâns ynfloed op de leefberens en Brede Wolfteart, lykas de gearhing yn doarpen, it foarsjenningsnivo en de berikberens dêrfan.

Ut de mienskip wei hawwe wy ûnderskate inisjativen stipe om derfoar te soargjen dat **safolle mooglik doarpen en wiken in eigen moetingssplak** hawwe. It noch beskikbere budzjet foar it finansierjen fan doarpshuzen hawwe wy nei it ôfrinnen fan de doarpshuzeregeling taheakke oan it **lepen Mienskipfûns (IMF)**. Binnen it IMF hawwe wy it mooglik makke om oanfragen foar in moetingssplak te dwaan. In realisearre moetingssplak yn ien fan de 465 Fryske doarpen kin fariearje fan in doarpshûs of in boarterstún. Op sa'n plak kinne ynwenners byinoar komme.

Wilens hawwe wy fia it IMF fan de op syn minst 750 te realisearjen leefberensprojekten sûnt it bestjoersakkoart fêststeld is, sa'n 425 projekten realisearre. Yn Wommels hat de Fûgelwacht mei help fan in IMF-bydrage bygelyks in kreatyf en ynnovatyf bewustwêzensprojekt kreëarre mei as doel ferbining en bewustwêzen mei kultuer, lânskip en natuer. Yn Burdaard is mei tank oan it IMF-projekt in mienskiplike húskeamer opset foar allinnichsteanden dy't ferlet hiene om mei-inoar te iten.

Wat it realisearjen fan **suksefolle foarbylden fan fleksibele (sirkulêre) húsfêsting** oanbelanget, hawwe wy ûndersocht hoe't tydlike húsfêsting bydrage kin oan in tydlike fraach nei wenten, fan ûnder mear arbeidsmigranten, seizoenwurkers en spoedsikers. Wy realisearje sels as provinsje gjin foarmen fan tydlik (sirkulêr) wenjen, mar kinne dy wol stimulearje troch kennis (ûndersyk en foarbylden) en in eventuele finansjele stimulearringsregeling.

Yn de ôfrûne jierren is yn Noardeast Fryslân (ANNO) mei sukses mei in tal saneamde **Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen (DOM's)** eksperimintearre. Yn it hjoeddeistige bestjoersakkoart is de wisk opnommen om it tal DOM's yn ús provinsje **tanimme** te litten. Lykas by it IMF it gefal is, leit by in DOM it ynisjatyf om wat te dwaan om leefberens te fergrutsjen by de ynwenners fan Fryslân sels. Yn de ôfrûne perioade binne der op 16 ferskillende plakken yn oparbeidzjen mei belutsenen nije DOM's ûntwikkele. In part fan de takomstige DOM's wurdt ûnder oare yn Súdeast boarge yn de Regiodeal.

Om de **sosjale leefberens** yn Fryslân **fuort te sterkjen** hawwe wy hjirneist ûnderskate lytsskalige projekten útfierd. Hjirfoar hawwe wy yn de ôfrûne maitiid it 'Fûns Lok op Ien' iepensteld. De fokus fan dat fûns, dat troch de stifting Kansfonds foar ús útfierd wurdt, leit net op it winnen fan ynkommen, mar op in bredere oanpak fan wolfteart; it fuortsterkjen fan sûnens en lok troch meidwaan en derby hearre. Sa krigen yn de ôfrûne perioade ûnder oare de Stichting Straatadvocaat en de Stichting Solidair Fryslân in bydrage út it 'Fûns Lok op Ien'.

Ek is mei ús stipe fierder útfiering jûn oan it gearwurkingsprojekt Seker en Sûn. De Academische Werkplaats Publieke Gezondheid Noord-Nederland fan GGD Fryslân, Zorgbelang Fryslân en ZorgpleinNoord antisipearje mei ûnder oare boargers en ûnderwiisinstellings mei dit projekt op de fergrizing en hege soarchfraach yn 2030. Dit projekt wurdt ek stipe troch it Healthy Ageing Network Northern Netherlands (HANNN).

Om **dúdlíkens** te krijen oer de **betsjutting fan Blue zone** foar Fryslân hawwe wy yn de ôfrûne perioade it projekt Bloeisône Fryslân opset. Mei de útkomsten fan dat projekt kinne wy mei ûnderskate foarbylden fan sônes, dêr't doarpen en wiken sels it inisjatyf nimme om har mei-inoar yn te setten foar in sûn leef- en wenfermidden, oantoane oft en hoe't eleminten út de Blue Zone no en yn de takomst betsjutting hawwe kinne foar ús provinsje. Yn oparbeidzjen mei de inisjatyfgroep Blue Zone Fryslân, besteande út ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike organisaasjes, hawwe wy Healthy Ageing Network Northern Netherlands (HANNN) de opdracht jûn in ûntwikkelplan foar ús op te stellen. Nei oplevering fan dat plan april ferline jier is HANNN ek úteinset om dat projekt fierder út te fieren. Yn gearwurking mei de Fryske gemeenten binne potinsjele inisjativen yn kaart brocht, dêrûnder bloeisône Bakkefean, Akkrum en Sint Nyk.

Oanslutend op de betsjutting fan Blue Zone hawwe wy mei it opsetten fan de subsydzjeregeling húsdokterspraktyk ûnderskate húsdokters yn ús provinsje stipe by it bouwen of ferbouwen fan in húsdokterspraktyk.

Wy hawwe de **rol fan topsport** yn Fryslân wilens **ferankere** troch de tydlike provinsjale bydrage fan 300.000 euro jiers oan Topsport Noord om te setten nei in strukturele bydrage. Troch dizze middels fan de provinsje struktureel beskikber te meitsjen, soargje wy derfoar dat Topsport Noord wissichheid hat oangeande it begelieden bliuwe kinnen fan talint foar judo, reedriden, turnjen en swimmen. Troch wissichheid is it better mooglik om de topsportynfrastruktuer fierder ek ynternasjonaa út te bouwen. Topsport en topsporteveneminten ynspirearje en kinne in grut gefoel fan ferbûnens yn de Fryske Mienskip jaan. Sawol foar sporters as foar entûsjaste taskôgers. Dêrneist set Topsport Noord talinteprogramma's op foar ûnder oare sile en iishockey. Ofrûne septimber hawwe jimme de startnotysje Sport fêststeld. Neist topsport swy ek Fryske kultuersporten lykas Keatsen, Fierljeppen en Frysk Damjen út de provinsje wei stypjen.

Al yn de begrutting fan 2016 is de ambysje útsprutsen om ús yn te setten foar it binnenheljen fan **in grutte ynternasjonale hurdfytswedstryd nei Fryslân**. Sporteveneminten kinne Fryslân wrâldwiid as bloeisône op de kaart sette. It úteinlik op langere termyn echt binnenhelje kinnen fan de start fan in grutte hurdfytswedstryd is ôfhinklik fan de lobby rjochting de organisaasje fan de Tour de France (A.S.O. yn Parys). Dêrfoar hat healwei 2019 fan de provinsje út mei de organisator fan de Tour de France in petear west dêr't wy ús ynteresse as provinsje yn kenber makke hawwe.

6.4 | Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?

Troch de koroanakrisis kaam de leefberens fan Fryslân ûnder druk te stean en krigen wy hjirby mear te krijen mei maatskiplike fraachstikken lykas iensumens ûnder âlderen en jongeren. Ut it werstelpakket 'Lok op 1: no moarn' is dêrom €400.000,- beskikber steld om sportferienings, maatskiplike organisaasjes, oanbieders fan amateurkeunst en doarpshuzen te stypjen. Om dêrneist it sporten en bewegen yn de fakânsjeperioade te

stimulearjen is in voucherregeling fan €50.000,- iepensteld foar sportferienings. Dêrneist binne der út de kampanje Fryslân yn Ferbining wei ûnderskate projekten ûntwikkele om de leefberens yn tiden fan koroanakrisis te fergrutsjen en de Fryske mienskip in hert ûnder de riem te stekken. It ferljochtsjen fan it provinsjehûs yn de moanne desimber en it keunstprojekt "Ik tink oan dy" binne dêr foarbylden fan. Hoewol't de moaiste ideeën om leefberens te ferbetterjen gewoanwei ûntsteane dêr't minsken by-inoar komme, binne der nettsjinsteande in earste dip úteinlik net minder oanfragen foar it IMF dien. Oan it begjin fan de koroanaperioade is oanfoljend binnen it IMF in oar inisjatyf opset om mei lytse leefberensinisjativen oan de slach te gean. Foar 50.000 euro binne yn de krisis sa 100 projekten realisearre, farijend fan it 1,5 meter proof meitsjen fan in omrinwinkel oant it mei-inoar bûten sjongen foar de soarch.

Ek hawwe wy in COVID-regeling opset foar maatskiplike organisaasjes. Mei dy regeling, dêr't 375.000 euro beskikber steld foar is, koene yn de maatskiplike sektor maatregels nommen wurde dy't needsaaklik wiene yn ferbân mei koroana. It beskikbere subsydzjebedrach is fierhinne folslein beskikt. Mei't it trochsneed subsydzjebedrach (€1.011) royaal ûnder it op syn meast mooglike subsydzjebedrach (€1.500) siet, koene wy úteinlik 750 oanfragen, ferdield oer ferskate doelgroepen en regio's, honorearre. Mei dizze regeling koene bygelyks koaren in gruttere romte hiere, sadat se ynearsten noch wol op 1,5 meter repetearjen koene.

Troch de koroanakrisis koene ûnderskate netwurkbyienkomsten foar it Blue Zone projekt net trochgean, dêrûnder in symposium dêr't HANNN it oplevere ûntwikkelplan oan deputearre Hoogland oerhandigje soe. Dochs bea de koroanakrisis krekt ek mooglikheid om mei dit projekt oan te heakjen by in troch Vonketon organisearre digitale gearkomste om útdagings en ynnovaasjes dy't yn de krisis ûntstien binne yn in takomstperspektyf te pleatsen. Hjirby koene wy mei it Blue Zone projekt goed oanheakje by digitale inisjativen om de foar sûnens formulearre Sustainable Development Goals hinne. Ek koene wy út Blue Zone wei oanslute op inisjativen fan de hjirboppe al neamde Kampanje Fryslân yn Ferbining.

In soad stêden binne yn de race om as startplak foar de Tour de France optrede te kinnen. Troch de koroanakrisis hawwe wy as provinsje ynearsten gjin ferfolch jaan kinnen oan it earste petear mei de organisatoaren fan de Tour de France. Boppedat koe úteinlik de start fan de plande Binckbanktour ek net yn Noardeast-Fryslân plakhawwe. Troch sokke ynternasjonale hurdfytswedstriden yn de provinsje te organisearjen soene wy oan de wrâld goed sichtber meitsje kinne dat wy sokke wedstriden goed organisearje kinne.

6.5 | Wat sille wy noch dwaan?

Om der lykwols echt foar te soargjen dat wy by ús takomstige belied standert better **yntegraal rekken hâlde mei demografyske ûntjouwingen**, wolle wy yn de kommende perioade in dúdlik oersjoch meitsje fan it totaal oantal beliedsnotysjes dy't yn ús bestjoersperioade sûnt 2019 nei jimme ferstjoerd binne. Dêrmei wolle wy ynsichtlik meitsje hoe't der yn dy beliedsnotysjes oant no ta wol of net mei demografyske feroarings yntegraal yn ús organisaasje rekken hâlden is.

Yn de kommende perioade geane wy fierder mei útfiering fan it **IMF**. De ferwachting is dat mei it iepenstellen fan it IMF yn de kommende perioade foar de ein fan de bestjoersperioade dat resultaat realisearre wurdt. It IMF is in foarbyld fan in projekt dêr't wy as provinsje in oare as de klassike rol by ferfolje; yn de feroarjende maatskippij wolle wy de regio's dêr sels oer beslute litte. Dat stypje wy mei projektadviseurs, yn de feroarjende maatskippij wolle regio's leaver sels mei help fan projektadviseurs en regionale advyskommisjes kieze wat sy wichtich fine om de leefberens yn de eigen omjouwing te befoarderjen.

Op grûn fan de resultaten út it neamde ûndersyk sille wy yn de Utfieringsaginda Wenjen konkrete aksjes oangeande it stimulearjen fan **fleksibele (sirkulêre) húsfêsting** formulearje. Om lykwols echt bydrage te kinnen oan it útfieren fan suksesfolle foarbylden fan sokke húsfêsting is it fan belang dat der teffens foldwaande finansjele middels beskikber binne foar de realisaasje fan dat resultaat.

Yn de kommende perioade wurkje wy ús kommunikaasjestrategy fierder út om mear doarpen yn hiel Fryslân entûsjast te krijen oer ús **DOM's**. Wy stribje der sa nei yn dizze bestjoersperioade yn alle Fryske regio's noch DOMS's te realisearjen. Begjin 2023 organisearje wy foar jimme en oare belangstellenden in symposium oangeande de DOM-metodyk oer de leefberens yn Fryslân.

Foar fierdere útfiering fan it **Blue Zone** projekt bliuwe wy nau belutsen by dit troch HANNN útfierde projekt. Yn de kommende perioade sil op grûn fan fierdere útkomsten fan dit projekt mei HANNN ek besjoen wurde hoe't wy de betsjutting fan Blue Zone foar ynweners fan Fryslân fierder dúdlik meitsje kinne, en yn De Haach en Brussel ûnder oandacht bringe kinne.

It nije sportbelied foar de kommende fjouwer jier dêr't ek de rol fan **topsport** yn beneamd wurdt, sille wy noch fêstlizze yn in beliedsbrieff sport. Dat beliedsbrieff sille wy jimme yn it twadde fearnsjier fan dit jier foar beslútfoarming noch takomme litte.

It ek echt binnenheljen fan in **ynternasjonaal topsportevenemint** hinget foar in grut part ôf fan lobby en live-kontakten. Wy wolle sadree't dit mooglik is ús kontakten yn Parys fierder opbouwe.

6.6 | Konklúzjes

Ut ûndersyk fan it CBS (2019) en it Frysk Sosjaal Plan Buro (2021) docht bliken dat Friezen tefreden binne oer har leeffermidden. Nettsjinsteande de effekten fan de koroanakrisis hawwe wy yn de ôfrûne perioade ûnderskate stappen sette kind om posityf by te dragen oan it realisearjen fan ús ambysje dat Friezen it libben yn Fryslân trochinoar op syn minst mei in acht wurdearje.

Wilens is it tal DOM's yn Fryslân, dêr't ynweners sels aktyf mei oan de slach gear kinne mei leefberens, tanommen en rinne wy foar op it skema om foar healwei 2023 750 IMF leefberensprojekten te realisearjen. Ek stypje wy lâns de wei fan it IMF inisjativen dy't derfoar soargje dat safolle mooglik doarpen en wiken in eigen moetingssplak hawwe. Om leefberens fierder te ferbetterjen binne wy ek op koers wat it útfieren oanbelanget fan lytse projekten dy't sosjale leefberens yn ús provinsje fuortsterkje. Dêrneist binne wy op wei nei mear dúdlikens oer de betsjutting fan Blue Zone yn Fryslân. Hoewol't wy sels

gjin fleksibele sirkulêre húsfêsting realisearje sille, wolle wy op grûn fan útfierd ûndersyk dêrnei, der mooglik op grûn fan in finansjele regeling wol noed foar stean dat suksesfolle foarbylden fan fleksibele sirkulêre húsfêsting realisearre wurde kinne.

Hoewol't wy op koarte termyn it struktureel meitsjen fan de rol fan topsport troch struktureel provinsjale middels beskikber te stellen al realisearje kind hawwe, hoopje wy ús yn de kommende tiid, as reizgjen wer mooglik is, noch ekstra yn te setten foar it resultaat dat op langere termyn mooglik pas realisearre wurde kinne sil: in start fan de Tour de France yn ús moaie en leefbere provinsje Fryslân.

HAADSTIK 7

Bestimming Fryslân



Ambysje: Fryslân berikber foar alles en elkenien en berikt troch folle mear toeristen, op in manier dy't oan brede wolfeart bydraacht

7.1 | De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach

Resultaten	Fuortgong
35. Der is helderheid oer de bêste oplossing foar de dyk Snits-Ljouwert	■
36. Der binne ôfspraken mei it Ryk oer Skarster Rien en Boalsert	■
37. It ferromjen fan de bocht by Frjentsjer is yn útfiering en der binne ôfspraken mei it Ryk oer de Tjerk Hiddesslûzen	■
38. It ûnderhâldsnivo fan it Van Harinxmakanaal is ferhege nei nivo 7	■
39. Der is begûn mei it ferromjen fan de slûs Koarnwertersân	■
40. It tal deaden en ferwûnen op de Fryske diken sakket	■
41. Der binne op syn minst fjouwer haadftystrûten oer in langere ôfstân realisearre	■
42. It tal zero-emisjebussen giet omheech	■
43. It iepenbier ferfier op it Fryske plattelân is yn de nije konsesje op syn minst lykwaardich oan de hjoeddeistige	■
44. Der binne ôfspraken oer tiidwinst op bestead spoar, wêrby't wy stribje nei op syn minst 30 minuten tiidwinst	■
45. Der binne ôfspraken mei it Ryk oer de ferfanging fan de spoarbrêge troch in akwadukt yn it Van Harinxmakanaal	■
46. Der is in MKBA oer de Lelyline útfierd	■

- 47. De konsesjeferliening foar de sprintertsjinsten tusken Ljouwert – Swol is nei Fryslân desintralisearre ■

- 48. Der binne ôfspraken oer oerdracht fan de konsesjeferliening foar de Waadfearen nei Fryslân ■


- 49. Wy hâlde geregeld ynnovative tafels, wêrby't eksperts out of the box neitinke oer sosjale en technologyske ynnovaasje yn it iepenbier ferfier ■

- 50. De groei yn de Fryske rekreaasje en toerisme is bybûgd nei 'tûke groei' ■

7.2 | Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?

- De koroanakrisis hat laat ta in feroaring yn reisgedrach. Minsken wurkje mear thús en reizgje op oare tiden. Mooglik sil dy ynsette feroaring ek nei de koroanakrisis fierder trochsette mei't minsken, ek as de needsaak ferdwynt, mear as foarhinne thús wurkje.
- Op de provinsjale diken wie it yn 2019 wer drokker as yn 2018; de trochsneed ferkearsyntinsiteit lei yn 2019 op wurkdagen sa'n 2,5% heger as yn 2018. Yn 2020 wie it foaral yn de maitiid in stik rêstiger. Yn ûndersteande figuer is te sjen dat de ferkearsyntinsiteiten yn it neijier wer op it nivo fan 2019 sieten. Wol sjogge wy yn 2020 in bettere sprieding fan it ferkear oer de hiele dei, mei in rêstiger moarnsspits en mear ferkear tusken de spitsen (Provinsje Fryslân).


Trochsneed ferkearsyntinsiteit op provinsjale diken op wurkdagen



Boarne: Provinsje Fryslân


- It OV is foars rekke troch de koroanakrisis. Yn 2019 gie it tal yncheckers yn it Fryske bus- en treinferfier (eksl. NS) noch mei 2,9% omheech nei 16,2 miljoen. Yn 2020 waarden yn totaal net mear as 9,02 miljoen ynstappers teld, 44% minder as yn 2019. (Arriva).
- It tal ferkearsferwûnen lit al in tal jierren in delgeande trend sjen en sakke yn 2019 fierder: fan 593 yn 2018 nei 541 yn 2019, lykas te sjen is yn ûndersteande figuer. Neffens foarriedige sifers set dy trend yn 2020 troch, mei 524 ferkearsferwûnen. De definitive gegevens komme yn de rin fan it foarjier beskikber (VIA).

Tal ferkearsferwûnden yn Fryslân



Boarne: VIA


- Yn 2019 kamen neffens it CBS 29 minsken om it libben troch in ferkearsûngefal yn Fryslân. Dêrmei gie it tal deaden yn it ferkear foar it tredde jier op rige omheech. CBS-sifers oer 2020 binne noch net bekend. Wol registrearre de plysje yn 2020 acht ferkearsdeaden mear as yn 2019. It doel fan 0 deaden jiers liket noch fier fuort.
- Yn de twajierlikse kwaliteitsmonitor fytsregio's fan it lanlik fytsplatoarm hie Fryslân yn 2019 krekt as yn 2017 mei 5 stjerren de heechste skoare. Op de kwaliteit fan it rûtenetwurk (knooppunten en lange-ôfstânsrûtes) likegoed as op de kwaliteit fan de rânebetingsten skoart de provinsje better as alle oare provinsjes.
- Yn 2019 hawwe 1,48 miljoen gasten in fakânsje trochbrocht yn Fryslân. Dêrfan kaam 24% út it bûtenlân. Yn fergelyk mei 2018 wie dat in lytse delgong fan 2% (CVO/CBS, bewerking Provinsje Fryslân).



Boarne: CVO/CBS, bewerking Provincie Fryslân

- De koroanakrisis hie yn 2020 grutte gefolgen foar it tal besikers dat nei Fryslân kaam. It tal bûtenlânske besikers wie dan wol folle leger en yn it foarjier lei alles fierhinne stil, mar dat waard foar in part yn de simmermoannen goedmakke. Mei't folle mear Nederlânske besikers dat jier as alternatyf in ynlânske bestimming sochten. Yn july en augustus 2020 hiene der goed 2.700.000 oernachtings plak yn de provinsje Fryslân, hast in heal miljoen mear as yn 2019. It totaal tal oernachtings yn 2020 lei nettsjinsteande dat oant en mei novimber 8% leger as yn 2019. Lanlik wie der sels sprake fan in delgong fan 28%. Dat hat der ek mei te krijen dat de fraach nei

groepsakkomodaasjes en saaklike oernachtings yn de ôfrûne moannen minimaal te bliek wêzen.



Boarne: CBS

7.3 | Wat hawwe wy oant no ta dien?

Om de ambsysje Fryslân better berikber wier te meitsjen, hawwe wy de ôfrûne perioade ûnderskate stappen set.

Sa dogge wy op it stuit ûndersyk nei de bêste oplossing foar de **dyk Snits-Ljouwert** om it besteande trasee feiliger en better te meitsjen. De resultaten dêrfan wurde yn de rin fan dizze bestjoersperioade ferwachte.

Yn 'e mande mei de gemeente Súdwest-Fryslân binne wy in ûndersyk begûn nei in mooglik akwadukt yn de A7 by **Boalsert**. Dêrby sjogge wy nei kosten en ûnderbouwing út in yntegraal byld wei fan de ûntwikkeling en leefberens fan Boalsert. Foar de **Skarster Rien** is de bêste oplossing – in akwadukt – al earder ynsichtlik makke.

Oer it **ferromjen fan de bocht yn Frjentsjer** binne de petearen mei belutsen partijen wer oppakt. Ein 2018 is der al in ûntwerp makke foar it ferromjen fan de bocht. Yn de kommende perioade sil besocht wurde mei partijen oerienstimming te berikken oer de nedige grûnen. Dêrnei kin de planologyske proseduere úteinsette.

Om te kommen ta ôfspraken mei it Ryk oer ferfanging fan de **Tjerk Hiddesslûzen** binne amtlike petearen úteinset. Ek is ferkend hoe't wy de oanpak fan de slûzen pleatse kinne yn in bredere, yntegrale gebiertsrjochte oanpak yn Harns.

Yn april 2020 is it aktualisearre beliedsramt foar it **ûnderhâldsnivo** fan de provinsjale ynfrastuktuer fêststeld. It ûnderhâld fan it **Van Harinxmakanaal** is fêststeld op it winske nivo fan in 7.

Yn de simmer fan 2020 hawwe wy mei it Ryk in bestjoersoerienkomst (BOK) tekene foar it projekt ferromming **slûs KoarnwerTERSân**. It projekt bestiet neist it ferromjen fan de

slûs ek út it ferfangen fan de fekearsbrêgen by Koarnwertersân en it ferromjen fan inkele soalen yn de Iselmar. Om't de finansiering noch net definityf is, wurdt it projekt fasearre útfierd. Earst wurde nije brêgen boud en soalen ferromme (faze 1). Bywannear't de merkbydrage en Waddenfûnssubsydzje definityf binne, kin úteinset wurde mei it ferromjen fan de slûs (faze 2). Wilens binne de tariedende wurksumheden foar alle ûnderdielen úteinset.

In bettere berikberens fan Fryslân bringt ek mear **feilichheid yn it ferkear**. Yn de ôfrûne perioade hawwe wy ús fierder ynset om it tal deadlike **ferkearsslachtoffers en ferwûnen** op Fryske diken te ferminderjen. Om ferkearsfeilich gedrach te stimulearjen is der ynsidinteel 1 miljoen euro foar ferkearsedukaasje beskikber steld. Dêrby leit de klam foaral op de jongere ferkearsdielnimmers. Foar it feiliger meitsjen fan diken en fytspaden is struktureel 1 miljoen euro beskikber steld. Dy maatregels sille opnommen wurde yn it útfieringsprogramma ferkear en ferfier. Ek hat it Ryk út lanlike stimulânsen foar ferkearsfeilichheid wei 5 miljoen euro beskikber steld foar de oanpak fan in tal knyp punten yn de provinsje. Nettsjinsteande alle ynspanningen sjogge wy dat it tal ferkearsûngefallen en dêrmei it tal ferwûnen en deaden ûnfoldwaande ôfnimt. It tal deadlike ferkearsslachtoffers is sels heger wurden. Der wurdt neier ûndersyk ferrjochte om te ûndersykjen hokker oanfoljende maatregels noch mooglik binne.

Om de kwaliteit fan Fryslân as fytsregio noch fierder te ferbetterjen binne yn gearwurking mei gemeenten en it Fytsersbûn beëage **haadfytserûtes oer langere ôfstân** analysearre. Fiif fan dy rûtes binne wilens mei in kosterûzing útwurke. Wy beprate mei gemeenten oft en hoe't dy haadfytserûtes mei mienskiplike finansjele ynset te realisearjen binne. In alternative opsje is dat de provinsje sels iensidich it foartou nimt. Ut de petearen docht nammentlik bliken dat gemeentlike kofinansiering dreech te realisearjen is om't gemeenten op it stuit finansjeel swier ûnder druk steane. Dit kin it beëage resultaat beynfloedzje. Foar no is finansiering fan twa fytserûtes (Drachten-Oerterp en Ljouwert-Hearrenfean) fierhinne klear en dy sille yn de kommende perioade realisearre wurde kinne. Foar beide rûtes is ek 1,8 miljoen euro rysksubsydzje beskikber steld. Dy wurdt fia de provinsje oan de gemeenten oerdroegen.

Oan it begjin fan ús kolleezjeprogram wie yn it ûntwerp Programma fan Easken foar de oanbesteging fan it **iepenbier ferfier** yn Fryslân opnommen dat it resultaat **op syn minst lykweardich** wêze moast oan de hjoeddeistige. Troch de koroanakrisis is der op it stuit lykwols gjin sprake mear fan merkwurking yn de OV-sektor. De plande oanbestegingsproseduere, dêr't dy easken yn meinommen wurde soene, is stilset. Der wurdt no ynset op in oerbrêgingskonsesje. Konkreet giet it om in ûnderhânsk gunde konsesje foar op syn meast twa jier, dêr't de perioade fan ein 2022 oant ein 2024 mei oerbrêge wurde kin. Binnen dizze konsesje wurdt safolle as mooglik ynset op iepenbier ferfier lykweardich oan it hjoeddeistige. Wol sil it ferfier der nei ferwachting oars út komme te sjen, sjoen de wizige reizgerspatroanen as gefolch fan de koroanakrisis. Sa wurdt der bygelyks mear thús wurke. Fan de 240 bussen yn ús provinsje ride der op it stuit 28 **zero-emisje**. Mei it ûndertekenen fan it klimaataakkoart yn 2019 troch it Ryk hawwe wy as provinsje de ambysje útsprutsen dat yn 2030 gjin inkele bus noch CO2 útstjitte mei. By ôfspraken oer in nije konsesje hâlde wy dat doel foar eagen.

Yn ús bestjoersakkoart hawwe wy ûnderskate resultaten opnommen dy't de robústens fan it spoarnetwurk ferbetterje moatte om it reizgjen mei de trein noch oantrekliker te meitsjen. Yn 'e mande mei oare provinsjes hawwe wy sa ynset op **ôfspraken oer reistiidwinst fan op syn minst 30 minuten op fluch spoar tusken it Noarden en de**

Rânestêd. Dêrfoar binne in QuickScan en in potinsje-ûndersyk útfierd. Us ynset is dat wy foar de ein fan dizze bestjoersperiode fierdere ôfspraken mei it Ryk meitsje kinne.

Ek is it de ambysje om mei it Ryk ôfspraken te meitsjen oer **ferfanging fan de spoarbrêge yn it Van Harinxmakanaal troch in akwadukt. Yn it BO-MIRT 2020**, it bestjoerlik oerlis mei it Ryk dêr't ôfspraken makke wurde oer ûndere oare ynfrakstruktuerprojekten, is ôfpraat dat wy mei it Ryk de HRMK-spoarbrêge beskôgje yn gearhing mei ûnder oare de romtlike ûntwikkeling fan Ljouwert, stasjon Werpsterhoeke en de desintralisaasje fan de sprintersjinst Ljouwert-Swol. Wy stribje nei in yntegrale oanpak en finansiering. Yn de rin fan 2021 sil dêr dúdlikens oer komme.

Yn de earste helte fan 2020 is in potinsjeûndersyk útfierd nei flugger iepenbier ferfier tusken it Noarden en de Rânestêd, mei in reistiidwinst fan op syn minst 30 minuten. Ien fan de befiningen is dat de **Lelyline, ien fan de ûndersochte farianten, sels ta 40** minuten reistiidwinst liede kin. It giet der no om ferfolchstappen te setten. Yn it BO-MIRT fan novimber 2020 is mei it Ryk ôfpraat yn 2021 útein te setten mei in ferdjippend ferfolchûndersyk. Dêryn sille de ministearjes IenW en BZK en Noard-Nederlân út in brede opjefte wei de potinsje fan ferhastiging yn gearhing mei de helberens fan in bypassende romtlike ûntwikkeling foar wenjen, wurkjen, rekreëarjen en berikberens fierder yn kaart bringe. Dêrneist wurkje wy, nei oanlieding fan de troch de Twadde Keamer oannommen moasje-Amhaouch, yn 'e mande mei it Ryk, de oare SNN-partners en Flevolân oan in Deltaplan Noard-Nederlân. Dat moat foar 1 maaie by de Twadde Keamer yntsjinne wêze. De Lelyline stiet ek yn de Untwikkelingsaginda Takomstbyld OV 2040 fan it ministearje fan IenW, mar it is noch net helder oft der echt foar dizze nije spoarferbining keazen wurdt. Wy freegje oan it Ryk it Nasjonaal Groeifûns oan te sprekken foar finansiering fan in flugge spoarferbining. By it skriuwen fan dizze tuskenbalâns sjogge wy dat de flugge spoarferbining Rânestêd-Noard-Nederlân c.q. de Lelyline yn njoggen ferkiezingsprogramma's fan lanlike partijen opnommen is foar de kommende ferkiezingen fan de Twadde Keamer. Op al dizze spoaren binne wy út de brede koalysje yn Noard-Nederlân wei yn petear mei it Ryk en oare partners. Us doel is ek dat de Lelyline opnommen wurdt yn it nije Regearakkoart.

Yn gearwurking mei it ministearje fan Ynfrastruktuer en Wettersteat (IenW) en provinsjes is in QuickScan útfierd foar de desintralisaasje fan de konsesjeferliening fan de sprintersjinsten op it spoar Ljouwert-Swol. Dêrnei hat it ministearje in ferdjippingsslach makke. Yn 'e mande mei it ministearje wurdt tawurke nei in beslút oer desintralisaasje yn 2021. Rânebetingsten hjirby binne dat de reizgers derop foarútgeane en wy der finansjeel net op efterútgeane.

Nei de simmer fan 2020 hawwe wy mei it Ryk in plan fan oanpak foltôge om te kommen ta ôfspraken oer **desintralisaasje fan de Waadfearen** nei Fryslân. It stribjen is yn febrewaris 2021 mei it Ryk in yntinsjeferklearring te tekenjen. It beëage resultaat fan de beslútfoarming is dat de provinsje Fryslân op syn lêst yn 2026 ferantwurdlik wurdt foar it ferlienen fan de konsesjes foar de Fryske Waadfearen. Rânebetingsten dêrby binne dat de oerdracht budzjetneutraal ferrint en de reizgers der net op efterútgeane.

Om yn it iepenbier ferfier ta nije produkten en tsjinsten te kommen hawwe wy de ôfrûne jierren geregeld **ynnovative tafels** organisearre dêr't **eksperts out of the box** by neitinke koene oer **sosjale en technologyske ynnovaasje yn it iepenbier ferfier**. Sa beleine wy neijier 2019 in ûnderwiistafel oer de oanbesteging fan it busferfier. It ôfrûne jier krigen dy petearen in ferfolch. Ek organisearren wy yn 'e mande mei de provinsjes

Grinslân en Drinte yn 2019 it earste festival yn Nederlân oer autonoom ferfier oer dyk, wetter, spoar en yn de loft.

Foar rekreaasje en toerisme sette wy yn op 'tûke' groei dy't bydraacht oan alle fasetten fan brede wolfeart. Ien fan de beëage effekten is mear sprieding fan toerisme oer it jier en oer alle regio's fan de provinsje. It doel fan bybûgjen nei tûke groei hat him yn belied en útfiering (útfieringsprogramma Gastfrij Fryslân 2028) fertaald nei trije ambysjes. Yn dizze ambysjes moat toerisme soargje foar in noflik en sûn wen- en leeffermidden, foar takomstbestindige banen en foar fierdere ûntwikkeling en fuortsterking fan kultuer- en natuererfgoed.

It ôfrûne jier is úteinset mei it útfieren fan ûnderskate aksjes om de groei ombûge te kinnen, bygelyks mei it Toerisme Collectief Fryslân en de Toerisme Alliantie Fryslân. Dêrby wurdt mei klam sjoen nei perspektyffolle keppelkânsen, bygelyks sirkulêr Fryslân, útwurking ikoanprojekten, de erfgoeddeal, regiodeals, de lânskipstriënnale en Nationale Parken Nieuwe Stijl. Neamde keppelkânsen stypje de ambysjes op it mêd fan Brede Wolfeart.

Wy besjogge oft oanpassingen yn rekreative farrûtes sinfol en helber binne, dêrûnder de berikberens fan de Tsjûkemaar. Wy drage by oan duorsumer meitsjen fan de wettersport. Ut ús gebiertsrjochte Gastfrijheidsekonomy (GVE)-ynset op de Waadregio wei binne wy behelle by en wurkje wy mei oan it Frysk Programma Waadkust, dêr't toerisme ien fan de tema's yn is en waadkustgemeenten, Wetterskip en provinsje mei-inoar oplûke. Dat bart bygelyks by in projekt as Op Paad lâns it Waad.

7.4 | Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?

Lykas safolle bedriuwen ûnderfine ek merkpartijen dy't behelle binne by it projekt Slûs Koarnwertersân de gefolgen fan de koroanakrisis. Net út te sluten is dat dit ynfloed krije kin op de bydrage fan de merkpartijen oan de slûs.

Edukative aktiviteiten op skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis rjochte op ferkearsfeilichheid koene almeast net trochgean.

Om reden fan de koroanakrisis en it effekt dêrfan op it iepenbier ferfier wie it net mooglik om it trajekt yn de rjochting fan in nije konsesje neffens planning ôf te wikkelen. Sjoen de feroarings yn reispatroanen en it feit dat minsken mear thús wurkje is de ferwachting dat it iepenbier ferfier nei de koroanakrisis oars wêze sil as foar de koroanakrisis. Der binne in soad ûnwissichheden. It útstel fan de oanbesteging fan de nije konsesje hâldt ek yn dat wy foarearst noch net ynsette kind hawwe op in grutte tanimming fan it oantal zero-emisje bussen.

Wy ha ôfrûne jier in ynnovaasjetafel ynrjochte om de ynfloed fan de koroanakrisis op it iepenbier ferfier sa breed mooglik te beskôgjen. Koroanamaatregels hawwe de gastfrijheidssektor hurd rekke. Om adekwaat ynspylje te kinnen op dy aktualiteit hawwe wy in soad enerzjy stutsen yn maatregels foar de koarte termyn, sûnder de doelen foar de langere termyn út it each te ferliezen. Foar de koarte termyn hawwe wy in taskforce oprjochte, dy't him foaral rjochte hat op krisis- en werstelmaatregels. Ien fan de útkomsten wie in oardelmeterfûns. Troch de koroanakrisis

binne de omstannichheden feroare, mar foar de langere termyn leit de klam ûnfermindere op ynnovaasje en duorsumens. De ferwachting is dat de belangstelling foar in ferbliuw yn lanlike regio's tanimme sil. Fryslân kin dêrfan profitearje.

7.5 | Wat sille wy noch dwaan?

Yn 2021 wurdt ûndersyk dien nei de bêste oplossing foar de dyk **Snits-Ljouwert**. Dêrby wurdt foaral sjoen nei oplossings op it besteande trasee. Op grûn fan dat ûndersyk sille wy nei ferwachting ein dit jier in foarstel oan jimme foarlizze.

Wy wolle mei it Ryk yn petear gean foar oplossings foar de beweechbere brêgen yn de Skarster Rien en yn de A7 by Boalsert. Yn de Skarster Rien sette wy yn op in akwadukt.

Yn de kommende perioade pakke wy de tarieding fan **it ferromjen fan de bocht yn Frjentsjer** op. Wichtich oandachtspunt is it meitsjen fan ôfspraken mei it bedriuw Levo. It foarnimmen is om yn 2023/2024 útein te setten mei de realisasje fan it ferromjen fan de bocht.

De ôfspraken mei it Ryk oer de **Tjerk Hiddesslûzen** kinne wy nei ferwachting yn de hjoeddeistige bestjoersperioade fierder konkretisearje. Binnen it Programma Harns, in programma fan de gemeente Harns, Wetterskip en provinsje, binne wy oan it ferkennen hoe't der foarmjûn wurde kin oan in brede gebiertsrjochte oanpak. De Tjerk Hiddesslûzen meitsje dêr ûnderdiel fan út. Wy sjogge mei klam ek nei optimaal benuttigjen fan keppelkânsen. De oansteande dykfersterking spilet dêr in wichtige rol yn. As ûnderdiel fan dy oanpak is it ús doel ôfspraken te meitsjen mei Rykswettersteat oer de oerdracht fan de Tjerk Hiddesslûzen fan Ryk nei provinsje.

Yn 'e mande mei de Fryske gemeenten en it Wetterskip sjogge wy nei in logyske ferdieling fan it behear fan alle wâlskanten lâns de farwegen yn ús provinsje. Wy hawwe begjin 2021 in foarkarsfariant foarlein oan Provinsjale Steaten. It foarstel liedt ta in wiziging fan it areaal wâlskanten dat de provinsje beheart. De foarkarsfariant wurdt yn 2021 fierder útwurke yn nauwe gearwurking mei de oanbelangjende gemeenten en de Provinsje Fryslân.

Foar de nije brêgen by Koarnwertersân is it stribjen dy yn 2025 klear te hawwen. De planning is om de ferromme **slûs Koarnwertersân** yn 2026 op te leverjen. Foar echte realisasje fan de slûs sil troch jimme noch in beslút nommen wurde moatte oer it beskikber stellen fan in útfieringskredyt. Earst as bliken docht dat de merkbydrageregeling helber is en de Waadfûnsbydrage definityf is, sil dêrta in útstel nei de Steaten gean.

It tal deadlike slachtoffers yn it ferkear is tanommen. De Stichting Wetenschappelijk Onderzoek Verkeersveiligheid en VIAbv ûndersykje oft en hoe't de provinsje maatregels nimme kin om de **ferkearsfeilichheid** noch fierder te befoarderjen. Wilens geane wy troch mei ynvestearings yn ferbettering fan de provinsjale ynfastruktuer. Der sil sjoen wurde nei de ynset fan de Fryske taal yn nasjonale ferkears(feilichheids)kampanjes yn de provinsje.

Foar it realisearjen fan noch twa **haadfytstrûtes** nimme wy fierdere stappen om ek foar it gemeentlike part finansiering te sykjen.

Yn de gastfrijheidsekonomy wolle wy de **groei yn rekreaasje en toerisme ombûge nei in tûke groei**, neffens de beliedsnota Gastfrij Fryslân 2028. Yn it dêrby hearrende útfieringsprogramma steane sân opjeften sintraal. Wy sille ús ûnder oare rjochtsje op:

- sprieding fan toerisme oer seizoenen en regio's;
- wurkgelegenheid yn de sektor en brede arbeidspartipaasje;
- kwaliteitstoerisme (yn stee fan de fokus op groei yn oantallen);
- it yntegraal útwurkjen fan de opjefte fitale wetterrekreaasje út it perspektyf gastfrijheidsekonomy wei;
- fitalens fan de Fryske ferbliuwsakkomodaasjes;
- deirekreative Fryske netwurken;
- it mei doel ferwurkjen en tapassen toeristyske data.

Wy wolle in metoade fan monitoarjen útwurkje om neigean te kinnen oft der de kommende jierren echt sprake is fan in ombûgen nei **tûke groei**.

7.6 | Konklúzjes

Ofrûne jierren binne der flinke stappen set yn it ferbetterjen fan de berikberens fan en yn Fryslân. Nettsjinsteande de koroanakrisis witte in soad toeristen de provinsje te finen. De ferwachting is dat de belangstelling de kommende jierren tanimme sil. Us stribjen hjirby bliuwt om dizze groei om te bûgen nei tûke groei.

Wy binne der noch net. Der sille noch flinke stappen set wurde moatte om de resultaten út it bestjoersakkoart te heljen. Dêrby is troch de koroanakrisis in oare werklikheid ûntstien dêr't benammen it iepenbier ferfier de effekten fan ûnderfynt. It reisgedrach fan minsken is feroare. Dat hâldt mooglik ek yn dat doelen foar de langere termyn bysteld wurde moatte.

Yn it ferfolch fan dizze bestjoersperioade sille wy ús ynspannen bliuwe om de kwaliteit fan it iepenbier ferfier op oarder te hâlden. Ek sette wy ús oanhâldend yn foar it feiliger meitsjen fan de provinsjale ynfastruktuer en it stimulearjen fan ferkearsfeilich gedrach. Fierder rjochtsje wy ús op ôfspraken mei it Ryk oer slúzen, wegen en konsesjes (waadfearen, sprinters Ljouwert-Swol) en ôfspraken mei gemeenten oer fytspaden.

HAADSTIK 8

Fryslân 2028



Ambysje: yn 2028 hat it kulturele libben yn Fryslân noch hieltyd de enerzjy en it fermogen dy't it yn 'e tiid fan LF2018 hie om Fryslân yn beweging te bringen


8.1 | De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach

Resultaten	Fuortgong
51. It programma foar LF2028 is mei sterke kulturele produksjes folle dy't mei ús lepen Mienskip ferbûn binne, bydrage oan it kulturele fjild, kultuertoerisme, it fêstigingsklimaat en de leefberens yn Fryslân	■
52. In part fan de kulturele aktiviteiten draacht mjitber by ta positive ekonomyske effekten	■
53. It behâld en behear fan erfgoed kriget in mear solide, strukturele basis	■
54. Der binne op syn minst 125 ryksmonuminten opknapt	■
55. Wy stribje dernei om de ynspeksje foar it Frysk fan it Ryk oer te nimmen	■
56. It gebrûk fan it Frysk troch ynwenners, Fryske organisaasjes en yn de iepenbiere romte is sichtber en mjitber omheech gien	■

8.2 | Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?

- De 70 by de Museumfederaasje oansletten musea lutsen yn 2020 as gefolch fan de koroanakrisis oanmerklik minder besikers. Noch net alle sifers binne sammele mar trochinoar lutsen de musea sa'n 40% besikers minder as it jier derfoar. Foarearst wurdt útgien fan in totaal tal besikers fan 650.000 (Museumfederaasje Fryslân).
- It tal besikers oan profesjonele poadiumkeunsten (teäter, dûns, muzyk) is yn 2019 mei 350.000 sawat gelyk bleaun oan it jier dêrfoar (LF2018) (CBS).


Besikersoantallen poadiums en museums




Boarne: CBS

- Fryslân ken in totaal 4369 ryksmonuminten.
- Fan de hast 6900 tsjerken yn Nederlân hawwe der mei-inoar sa'n 1400 in oare bestimming krigen (Trouw 2019). 772 fan dizze 6900 tsjerken steane yn ús provinsje. Fan dy tsjerken wiene der yn 2016 noch 491 yn gebrûk as religieus gebou. De ferwachting is dat der 10 tsjerken jiers troch in tsjerklike Fryske gemeente ôfstjitten wurde (Rijksdienst voor Cultureel Erfgoed).
- Wat de monumintale pleatsen yn ús provinsje oanbelanget is de ferwachting dat der alle moannen trochinoar 8 boerebedriuwen ophâlde. Dêrfan sil ek in part op monumintale pleatsen buorkje. Yn Fryslân binne der 831 monumintale pleatsen (Rijksdienst voor Cultureel Erfgoed en Nij Poadium).
- Krekt as yn de eardere mjitmominten yn 2007, 2011 en 2015 kinne wy ek yn 2019 konkludearje dat hast alle ynwenners fan Fryslân de Fryske taal frij aardich oant hiel goed ferstean kinne (93,1%). Mar in lyts part (6,9%) fan de Friezen jout oan de Fryske taal mei muoite of hielendal net ferstean te kinnen. Wat it lêze kinnen fan it Frysk oanbelanget is der – krekt as by it ferstean, sprekken en skriuwen – in ferskil tusken de Fryske gemeenten. Sa kin yn de noardlike Fryske gemeenten tusken de 60 en 70% fan de ynwenners goed of hiel goed Frysk lêze. Yn de gemeente Weststellingwerf (gemeente dêr't de Wet Gebrûk Fryske Taal net fan tapassing is) is dit minder as 30%. Yn fergelyk mei 2015 is der yn gemeente Súdwest Fryslân, Gemeente Ljouwert en Achtkarspelen sprake fan in lichte stiging (Taalatlas 2020, provinsje Fryslân).

Fries lezen per gemeente (%)



Bovenstaande kaart geeft per gemeente het percentage respondenten weer dat naar eigen zeggen de Friese taal goed of heel goed kan lezen.



toe- of afname t.o.v. 2015



Bron: Provincie Fryslân, Taalonderzoek 2019

Boarne: Provinsje Fryslân

- Mei it Taalplan Frysk hawwe wy yn de perioade 2016-2018 yn kaart brocht hoe't it fak Frysk op bassiskoallen en middelbere skoallen jûn wurdt. Elke skoalle hat op grûn fan dy ynventarisasje in profyl krigen. Skoallen dy't in A-profyl krigen hawwe, biede it Frysk op foldwaande nivo oan. Yn it primêr ûnderwiis hat 27% fan de skoallen profyl A takend krigen. Yn it fuortset ûnderwiis lei dit persintaazje op 38% (Provinsje Fryslân).

8.3 | Wat hawwe wy oant no ta dien?

Us ambysje is dat yn 2028 it kulturele libben yn Fryslân noch altyd de enerzjy en it fermogen opwekje kin dy't it yn de tiid fan LF2018 hie om Fryslân yn beweging te krijen.

Op wei nei 2028 hawwe wy foar it **programma foar LF2028** in kertiermakkersteam oprjochte mei meiwurkers fan provinsje, gemeente Ljouwert en stifting LF2018. Ein juny ferline jier hawwe wy jimme ynformearre dat de besteande rjochtspersoan fan de stifting LF2018 omfoarme is ta rjochtspersoanlikheid foar LF2028. Dêrfoar hat de Rie fan

Tafersjoch de statuten oanpast en binne der nije leden fan de Rie fan Tafersjoch socht en beneamd. Fan dizze stifting is foar de jierren 2021-2023 in boekjerynstelling makke. Dat hawwe wy mei ús begrutting yn novimber lêstlyn bekrêftige.

De útfieringsorganisaasje LF2028 operearret ûnôfhinklik oangeande kulturele karren. Ut de provinsje wei binne dêrby wol tema's meijûn lykas: it fuortsterkjen fan de ekonomy, it kultuertoerisme en it Frysk. Us ferwachting is dat wy mei dizze effektive organisaasje yn gearwurking mei kulturele ynstellings yn ús provinsje sterke kulturele programma's yn oanrin nei LF2028 opsette kinne. Begjin fan dit jier presintearret de Stifting LF2028 dêrfoar de plannen fan in earste triënnale: Arcadia. Arcadia is in hûndert dagen duorjende, ynternasjonale keunst- en kultuermanifestaasje.

Wy wolle dat in **part** fan de **kulturele aktiviteiten yn ús provinsje mjitber posityf ekonomysk effekt hawwe**. De kulturele sektor is in ekonomyske sektor mei bestegings, wurkgelegenheid en in positive ynfloed op it fêstigingsklimaat. Yn de beliedsnota Nij Poadium 2021-2024 is kultuertoerisme as ien fan de eksplisite oandachtspunten neamd. Merk Fryslân sil dêr foar ús ek aktyf op ynsette.

Yn de ôfrûne fjouwer jier hawwe wy ús mearjierrige subsydjesystematyk oanpast om ek nijkommers in kâns te jaan op mearjierrige provinsjale finansiering. Dêrmei wolle wy bydrage oan in ynnovatyf en fernijend artistyk klimaat yn Fryslân. Fan dit jier ôf hawwe wy fernijde fjouwerjierrige ôfspraken mei in ferskaat oan kulturele ynstellings.

Om it **behâld en behear fan erfgoed** in **solide, strukturele basis** te jaan, hawwe wy der yn de ôfrûne perioade foar soarge dat bedraggen dy't foarhinne ynsidintiel op ús begrutting opnommen wiene, no struktureel binne. Dêrmei biede wy erfgoedynstellings lykas Stifting Alde Fryske Tsjerke, St. Tsjerkepaad, Stichting Industrieel Erfgoed, Boerderijen Stichting Fryslân, St. Staten en Stinzen, Bond Heemschut mear perspektyf en kinne sy better plannen meitsje foar de langere termyn yn stee fan enerzjy te stekken yn it behâlden fan subsydjes. Oer de te realisearjen doelen dêrby binne op grûn fan de neamde beliedsnota Nij Poadium begjin fan dit jier mearjierrige ôfspraken mei boekjerynstellings makke.

Om derfoar te soargjen dat oan 'e ein fan dizze bestjoersperioade der **op syn minst 125 ryksmonuminten opknapt** binne, hawwe wy ein 2020 in tender iepensteld fia de Subsydze Regeling Monuminten (SUMO). Wy bondelje dêrfoar ús eigen middels mei ryksmiddels sadat der yn it ôfrûne jier mei-inoar 2,5 miljoen euro oan ryks- en provinsjaal jild te ferpartsjen wie. Yn 2020 is sa foldwaande jild beskikber steld om 46 ryksmonuminten restaurearje litte te kinnen.

Net allinnich ús lânskip dêr't ryksmonuminten diel fan útmeitsje, mar ek taal makket ûnderdiel út fan ús Fryske identiteit. Yn dizze ôfrûne perioade hawwe wy ús hurd ynset om ôfspraken út de mei it Ryk oerienkommen Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK 2019-2023) fierder út te fieren. Sa stribje wy dernei dat yn 2030 it fak Frysk yn it kurrikulum, mar ek as omgongs- en ynstruksjetaal yn it **ûnderwiis** fanselssprekkend is. Us doel is om dêrby de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk te ferbetterjen.

Wy hawwe yn it ôfrûne jier ûndersocht wat de foar- en neidielen wêze kinne fan it oernimmen fan de rol fan de ûnôfhinklike ûnderwiisynspeksje. Foar it oernimme kinnen fan dy taak is in wetswiziging nedich dêr't op dit stuit yn De Haach gjin draachflak foar is. Ek hawwe wy dizze perioade benuttige om oer it ferbetterjen fan de ûnderwiiskwaliteit

ûnderskate oerlizzen op bestjoerlik en amtlik nivo te fieren mei de ûnderwiisynspeksje likegoed as it ministearje fan OCW en BZK. Dêr hawwe wy ek praat oer ús **stribjen om de ynspeksje foar it Frysk fan it Ryk oer te nimmen**.

Om it gebrûk fan it Frysk troch ynwenners, Fryske organisaasjes en yn de iepenbiere romte sichtber en mjitber tanimme te litten, hawwe wy ûnderskate aksjes yn gong set. Mei de regeling Mei-inoar foar it Frysk bringe wy it Frysk yn omtinken fan de Fryske gemeenten en útfieringsorganisaasjes. Yn 'e mande mei al dy oerheidsorganisaasjes wolle wy soargje dat it Frysk sichtberder wurdt yn de Fryske mienskip. Yn de langetermynagenda fan de provinsje en de Fryske gemeenten hat dat dêrom in prominint plak krigen. Wy sette as provinsje sawol yntern as ekstern yn op it berikken fan mear sichtberens fan it Frysk yn in twatalige provinsje yn 2030.

8.4 | Wat hawwe wy troch de koroana-ûntwikkelingen net of oars dien?

De kulturele sektor is ien fan de swierst troffen sektoaren troch de koroanakrisis. Dat hat net allinnich gefolgen foar de kulturele ynstellings, mar ek foar alle ûndernimmers en selsstannigen dy't learre binne oan de kulturele sektor, lykas technisy, foarmjouwers en leveransiers. De sektor hat tige fluch ynspile op de beheinende maatregels troch ynnovative en eksperimintele (online) eveneminten op te setten. Troch de koroanakrisis binne de besikersoantallen minimaal of is de programmearring alhiel skrast. Ien fan de ûnderdielen fan it ekonomysk rendemint fan de kultuersektor, de bestegings fan de kultuerbesikers, stiet dan ek foars ûnder druk troch de koroanakrisis. It beheinde tal besikers dat mooglik wie troch de koroanamaatregels én it foar in grut part skrasse moatten fan de programmearring fan 2020 hat de bestegings yn de kultuersektor dan ek fansels flink sakje litten. Dat hat mooglik negative effekten op it ekonomysk rendemint fan de kulturele sektor as it om de bestegings fan kultuerbesikers giet. Wol draacht it fuortbestean fan de kulturele sektor yn de provinsje los dêrfan by oan it posityf ekonomyske fêstigingsklimaat.

It konkreet ynfoljen fan it ynhâldlike **programma foar LF2028** is troch de beheinings fan COVID-19 fansels ek beynfloede. By it opsetten fan it programma foar 2022 wurdt bygelyks rekken hâlden mei it feit dat ynternasjonale keunsters mooglik yn 2021 en 2022 noch net nei Fryslân reizgje kinne foar tarieding en útfiering fan projekten. Hoewol't 2022 noch fier fuort liket, moat ek kultuermarketing by it gearstallen fan LF2028 reispakketten fan 't jier noch rekken hâlde mei de mooglik bliuwende ynfloed fan de koroanakrisis.

Wy hawwe begjin 2021 út it werstelpakket 'Lok op 1: no en moarn' in regeling iepene foar lytse kultuerinisjativen, dêr't wy de kultuersektor in stipe mei yn de rêch jaan wolle. Troch de koroanamaatregels hawwe in soad makkers en organisatoaren gjin of net folle wurk. Ek moetingplakken lykas doarpshuzen, poppodia en teäters hawwe folle minder ynkkomsten troch de maatregels. Yn dizze regeling hawwe wy dêrom in keppeling makke: de makker tsjinnet in plan yn én jout oan wêr't hy of sy dat útfiere sil. Dêrmei soargje wy derfoar dat – binnen de dan jildende RIVM-rjochtlinen – yn de rin fan 2021 keunstoanbieders wer oan de slach kinne én ynwenners en besikers fan Fryslân wat aardichs hawwe om nei út te sjen.

Ek koene ûnderskate erfgoedynstellings dy't yn 2020 in jubileumjier hiene, lykas de Stichting Staten en Stinzen, Stifting de Fryske Mole en Stifting Alde Fryske Tsjerken, dat

troch de koroanakrisis net fiere. Wylst stiftingen dit jubileumjier krekt oangripe woene foar ekstra publyksaktiviteiten en it berik en wervjen fan ekstra donateurs (eigen ynkomsten).

De koroanakrisis hat net inkeld negative effekten op kultuerprogramma's. Yn de maitiid binne bygelyks troch LF2028 ek ûnderskate suksesfolle 'koroana-kultuer' programma's fan de grûn kommen. Sa kamen de droneflechten fan 'Fryslân fan Boppen' en de live-stream 'Els blijft thuis' yn de koroana- perioade ta stân. LF2028 hat fan it begjin fan de koroanakrisis ôf al har digitale kanalen mei in grut berik ynset as poadium foar ûnderskate kulturele makers yn de provinsje.

Mei't ferkiezingen fan it Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD) troch de koroanakrisis net troch giene, bleau ús deputearre as ferantwurdlike foar de Fryske taal noch in heal jier langer foarsitter fan dat Europeeske netwurk. As foarsitter koene wy as provinsje sa noch langer de Fryske taal yn in ynternasjonale kontekst sichtber posysjonearje. Mei yngong fan 1 desimber II. hawwe de ferkiezingen lang om let wol digitaal harren beslach krige en is de foarsittersrol oernommen troch in bestjoerder út in oare taalregio. Fryslân bliuwt as dielnimmer wol aktyf lid fan dat netwurk.

Troch de koroanakrisis koene wy spitigernôch net los mei it útwikselingsprogramma dat wy yn 'e mande mei fjouwer oare NPLD-regio's opstarte woene. Doel dêrfan is om ús talen by de jongerein út dy regio's ûnder oandacht te bringen. It programma is ûnderdiel fan it European Charter Classroom Activities (ECCA) projekt (www.thisismylanguage.eu). Wol binne wy binnen dit programma fierder gien mei it ûntwikkeljen fan digitaal lesmateriaal om ús talen yn de kontekst fan it Europeeske Hânfêst foar regionale talen of minderheidstalen by jongerein sichtber ûnder de oandacht te bringen.

Ek hawwe wy de koroana- perioade brûke kinnen om it Frysk sichtber te meitsjen. Dat hawwe wy ûnder oare dien troch binnen it projekt Fryslân yn Ferbining in troch in Italiaanske keunstner makke koroana-poster ek nei it Frysk oer te setten. Dy poster mei koroana-maatregels is ûnder oare nei alle trijetalige skoallen yn de provinsje ferstjoerd. Binnen de nasjonale, troch it Ministearje fan VWS ûntwikkele, koroana-app hawwe wy ús ek ynset foar it sichtber meitsjen fan de Fryske taal. Foar it earst is yn in Ryksapp en side ek it Frysk as ien fan de talen meinommen. Dêrfoar waard ôfrûne jier ek op ús fersyk de flyer fan de donor-kampanje fan it ministearje fan VWS yn it Frysk beskikber steld. Dy is ûnder hûsdokters en sikehuzen yn ús provinsje ferspraat.

8.5 | Wat sille wy noch dwaan?

Wy sille fierder gean mei ynfolling te jaan oan it **programma foar LF2028**. Dêrfoar sil de Stifting LF2028 yn dizze bestjoersperioade fan maaie oant en mei july 2022 mei Arcadia de earste triënnale op wei nei 2028 delsette. Mei dy ynternasjonale keunst- en kultuermanifestaasje, fuortbouwend op 2018, rjochtsje wy ús op de wearden fan én útdagings foar de Fryske regio. Yn de kommende perioade set de stifting folop yn op it oanlûken fan fûnsen en sponsoaren.

Us ynset sil yn de kommende tiid benammen wêze om de kulturele sektor libbensfetber en takomstbestindich te hâlden om sa op de langere termyn bliuwend in bydrage leverje te kinnen oan in posityf ekonomysk klimaat.

De rol fan de provinsje feroaret troch de koroanakrisis mear yn in partnerrol. Mei't de sektor duorjend foar nije útdagings stiet, tinkt de provinsje aktyf mei yn oplossings foar de kultuersektor. Ek de gearwurking mei gemeenten ferget troch de koroanakrisis in aktivere rol. Mei it ministearje fan OCW is foar de útwurking fan ûnderskate stipepakketten ek yntinsiver kontakt. Hjiroer hawwe wy jo foar it krystreses noch berjochte.

Om noch mear **ryksmonuminten** opknappe te kinnen, sille wy ek yn de kommende perioade tenders fia de Subsydzje Regeling Monuminten (SUMO) beskikber stelle. Dat giet om ryks- en provinsjaal jild. Oft wy fan 't jier yn Fryslân in kongres organisearje sille, dêr't de skiednis en de kultuer fan de minsken om de Noardsee hinne sintraal stiet, hinget derfan ôf oft dêr ek middels foar beskikber steld wurde.

Om de **leechstân** en fertutearzing fan monumintale en karakteristike **pleatsen en hiem** tefoaren te kommen is yn 2020 wurke oan it wurkplan Takomst Fryske Pleats. Oft it plan yn 2021-2023 ta útfiering komme kin om dy identiteitsdragere foar Fryslân te behâlden en yn te setten foar werbestimming hinget derfan ôf oft dêr ek middels beskikber steld foar wurde.

Om echt de **ynspeksje foar it Frysk fan it Ryk oer te nimmen** is in wetswiziging en dus ek draachflak yn De Haach nedich. Yn dizze faze hâldt it Ryk lykwols fêst oan ôfspraken dy't wy earder makke hawwe yn de BFTK. Dêr stiet yn dat de ûnderwiisynspeksje út syn eigen rol wei en op stimulearjende wize omtinken jaan sil oan de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis. It advysorgaan foar de Fryske taal DINGtiid hat op fersyk fan de provinsje in advys opsteld oangeande de rol en it plak fan de ynspeksje fan it ûnderwiis.

Ta it fergrutsjen fan it gebrûk en de **sichtberens fan it Frysk** sille wy yn de kommende perioade ûnder oare in Kampanje Frysk yn de provinsje útfiere. Wy sille dêrby sels ek hieltyd mear kommunikaasje út de provinsjale organisaasjes wei twatalich of yn it Frysk dwaan. Ek wolle wy fierder yn oerlis mei it Ryk om de mooglikheden nei te gean om it Frysk by foar ús provinsje relevante meartalige Rykskampanjes ek in mear fanselssprekkend plak te jaan. Dêrby sille wy by de besite dy't it Committee of Experts út de Rie fan Europa wei yn de rin fan dit jier oan Fryslân bringe sil ek omtinken freegje foar it algemien belang fan mear sichtberens fan de Fryske taal, neist it belang fan it ferbetterjen fan kwaliteit fan it ûnderwiis.

8.6 | Konklúzjes

It resultaat om in **programma foar LF2028** del te setten mei sterke kulturele produksjes kin foar in grut part noch altyd realisearre wurde, hoewol't it mooglik troch koroana-ûntwikkelingen 'oars' wêze sil as yn earste ynstânsje ús ynset wie. Oars yn de sin fan minder ynternasjonaal rjochte en mooglik mei oare partijen, mar noch altyd mei sterke kulturele produksjes folle, dy't ferbûn binne mei ús lepen Mienskip en bydrage oan it Fryske kulturele fjild en de leefberens yn Fryslân.

Hoewol't ús ynset ek dêrby bliuwt dat **in part fan de kulturele aktiviteiten** mijtber bydrage oan positive **ekonomyske effekten**, sil dat mei troch de beheiningen op besikersoantallen en de beheinde programmearring, him mear fokusje op de yntrinsike ekonomyske eleminten fan kultuer, lykas de hichte fan de bestegings troch de

ynwenners en de kultuertoeristen. Ofhinklik fan de defynysje fan ekonomysk rendemint kin dit resultaat dan ek noch foar in part realisearre wurde.

Troch bedraggen foar ûnderskate erfgoedinstellings struktureel op ús begrutting op te nimmen, hawwe wy derfoar soarge dat it **behâld en behear fan erfgoed** in mear solide, strukturele basis krigen hat. Ek hawwe wy der yn de ôfrûne perioade foar soarge dat troch it iepenstellen fan in tender fia de Subsydzje Regeling Monuminten (SOM) 46 Ryksmonuminten restaurearre wurde kinne. Foar de ein fan ús bestjoersperioade sille wy der sa foar soarge hawwe dat úteinlik op syn minst 125 ryksmonuminten opknapt binne. Mocht der belang hechte wurde oan it organisearjen fan in kongres dêr't de skiednis en kultuer fan de minsken om de Noardsee hinne by sintraal stiet, dan sille dêr noch finansjele middels beskikber foar steld wurde moatte. Ek realisaasje fan it plan om leechstân en fertutearzing fan monumintale en karakteristike pleatsen en hiem tefoaren te kommen hinget derfan ôf oft dêr finansjele middels beskikber foar steld wurde.

Wat it oernimmen fan de ynspeksje foar it Frysk fan it Ryk oanbelanget, kin foar no konkludearre wurde dat realisaasje fan dat úteinlike doel noch hiel fier fuort leit. Wol hawwe wy yn de ôfrûne perioade hurd ynset op it dêrmei úteinlik te realisearjen doel, it ferbetterjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis. Ek om it Frysk yn ús provinsje sichtber tanimme te litten hawwe wy as provinsje prikken yn it wurk steld. As provinsje wolle wy ús yntern likegoed as ekstern oanhâldend ynsette foar it berikken fan mear sichtberens fan it Frysk yn in twatalige provinsje yn 2030. Op wei nei 2028 as it kulturele libben yn ús provinsje nettsjinsteande de ûntwikkelingen fan de koroanakrisis noch altyd de enerzjy en it fermogen hat dat it yn de tiid fan LF2018 hie om Fryslân yn beweging te bringen.

HOOFDSTUK 9

Gearwurkjend en Betelber Fryslân



Ambysje:

1. Gearwurking is de noarm wurden tusken Fryske oerheden ûnderling en tusken oerheden en de Fryske mienskip
2. Wy hawwe mear sicht op it nut fan alle euro's dy't wy besteegje en mear gelegenheid dy euro's dêrhinne te stjoeren dêr't se it measte nut haww

9.1 | De resultaten dêr't wy foar steane yn ien eachopslach

Resultaten	Fuortgong
Gearwurkjend Fryslân	
57. Inisjatyfnimmers wurde op lykwaardige wize neffens in transparant proses wolkom hjitten by de provinsjale organisaasje	
58. Wy oerlizze mei gemeenten en Wetterskip oer oft en as dat sa is, hoe't de Streekagenda's trochgeane. As sy posityf binne, meitsje wy mei-inoar in startnotysje	
59. Wy helje op syn minst 130 miljoen oan Europeeske middels binnen dy't oan de brede wolfeart fan Fryslân bydrage	
60. Der binne meardere suksesfolle foarbylden fan shared services en diel wurkjouwerskip tusken de Fryske oerheden	
Betelber Fryslân	
61. De automatyske ynflaasjekorreksje op de opsinten wurdt 4 jier bûten wurking steld	

9.2 | Hoe hat Fryslân him ûntwikkele?

Gearwurking hat yn de ôfrûne jierren mear fokus krigen. Under de Omjouwingswet wolle wy yn it fysike domein mei oare oare oerheden gearwurkje as ien oerheid. Foar ynspraak út de

omjouwing wei en partisipaasje fan dy omjouwing wurdt in partisipaasjeferoarding makke. Inisjativen út de maatskippij hawwe baat by in yntegraal wurkjende oerheid. Wy wurkje deroan om inoar as oerheden mear op te sykjen om safolle mooglik ta in mienskiplike oanpak te kommen.

As wy sjogge nei de regionale gearwurking mei gemeenten wol de regio Noardwest de gearwurking opnij ikerje, de regio Noardeast is dwaande mei de organisaasje fan ANNO3 en parallel de ferhastigingsaginda (útfiering Regiodeal), de regio Súdeast hat ek in Regiodeal sletten mei it Ryk en brûkt dit as rydark foar de fierdere gearwurking, de regio Súdwest wurket oan in ambysjedokumint en opjefteplan. Yn regio De Wadden binne se har oan it oriïntearjen oft it programma Waadeilannen in krúsbewoaring oangean kin mei de besteande bestjoerlike gearwurking. De prosessen om de Omjouwingsfyzje om te setten yn programma's en de Fryske Oanpak hawwe mienskiplike aspekten mei regionale gearwurking.

It nije Europeeske Mienskiplik Lânboubeleid (GLB) foar de nije EU-begruttingsperiode krijt foarm. Foar it nije GLB is der sprake fan in alhiel nije ferdielkaai. Dêroer folget takom jier it amtlik en bestjoerlik ûnderhanneljen. By de úteinlike útwurking fan it programma en in folgjende update kin konkreter oanjûn wurde hokker bedraggen der krekt alle jierren foar alle tema's nei Fryslân komme. Nei it akkoart fan de Europeeske Ried fan Steatsshaden en regearingslieders op 21 july 2020 oer it Mearjierrich Finansjeel Ramt (MFK) 2021-2027 en it Europeeske Krisis- en Werstelpakket (NextGenerationEU) binne de ûnderhannelings fierd tusken de Europeeske Ried, it Europeesk Parlemint en de Europeeske Kommisje. Dy hawwe op 10 desimber 2020 laat ta definitive oerienstimming oer it MFK (sawat € 1,074 mld.) en NGEU (€ 750 mld. oan subsydzjes en lieningen). Troch it akkoart is ek bekend hoefolle't de lidsteaten ûntfange sille yn it ramt fan bygelyks EFRO. Dêrneist is der sicht op de budzjetten foar Interreg en foar tematyske fûnsen as Horizon Europe, Creative Europe en Erasmus+, dêr't gjin nasjonale budzjetten foar besteane, mar dêr't út alle lidsteaten en regio's wei ôfsûnderlike projekten foar yntsjinne wurde kinne dy't ynternasjonaal mei-inoar konkurrearje.

Parallel oan de diskusje yn Brussel is ek binnen Nederlân in foarse diskusje fierd oer de ferdieling fan Europeeske middels. In yntinsive Noard-Nederlânske lobby dêrfoar is yn it bestjoerlik oerlis tusken de steatssekretaris fan EZK en de lânsdielen op 25 novimber 2020 kroand mei in bedrach fan € 108 mln. foar EFRO en € 330 mln. út it Just Transition Fund (opfang sosjaalekonomyske gefolgen CO2-reduksje, benammen yn Grinslân). Dêrneist komt der yn it ramt fan NGEU (dielbudzjet ReactEU) yn 2021 in bedrach fan € 45 mln. nei Noard-Nederlân dat feitliken in taheakking is oan it EFRO-budzjet. Yn totaal kin Nederlân as lidsteat út NGEU in bedrach fan € 5,3 mld. temjitte sjen. Dêr moatte plannen foar yntsjinne wurde dy't ek mooglikheden biede foar Noard-Nederlân en Fryslân. Koartsein: der is gâns Europeesk jild beskikber, mar it fersulverjen fan dy mooglikheden – en dus ek it realisearjen fan de ambysje fan € 130 mln. foar Fryslân – hinget ôf fan de kwaliteit fan ús plannen en projekten.

Jimme hawwe it taryf foar de opsinten foar 2020 en 2021 fêststeld op 87 punten. Dat is fêstlein yn de feroarding heffing opsinten en ek sa troch de Belestingsjinst (foar ús de útfieringsorganisaasje) útfierd. Yn 2020 stiene wy mei in 6e plak yn de middenmoat fan de provinsjes wat it opsintetaryf oanbelanget. Ek yn 2021 steane wy op de 6e posysje yn de ranglist.

It Waadgebiet is yn mannich opsicht in unyk gebiet. Foar Fryslân, foar Nederlân en foar de rest fan de wrâld. De unisiteit stiet lykwols op it spul as gefolch fan ûnderskate mondiale en regionale ûntwikkelingen. Tagelyk ûntsteane der kânsen troch ûnderskate grutte ynvestearings (likernôch 1 miljard euro) dy't yn de kommende jierren yn it gebiet dien wurde. De ûntwikkelingen en kânsen stelle alle oanbelangjenden foar komplekse útdagings dy't driuwend freegje om yntegrale oplossings. Mannichien sjocht yn de Provinsje Fryslân, as grutste Waadprovinsje, in fanselsprekkende partij om in sintrale en ferbinende rol te spyljen yn it finen fan dizze oplossings.

9.3 | Wat hebben wij tot nu toe gedaan?

De measte ûnderwerpen yn dit haadstik fan it bestjoersakkoart binne te beflappen ûnder de termen bestjoerlike of demokratyske fernijing. Om op dat punt mienskiplik mei oare partijen, oerheden en net-oerheden, ta sawol diskusje as konkrete stappen te kommen brochten wy medio 2020 de Diskusjenota demokratyske fernijing 'Fernijing yn Fryslân: in bestjoer dat past by dizze tiid' út.

Jimme hawwe yn septimber 2020 it beliedsbrieff Grutte yntegale maatskiplike inisjativen fêststeld. Dêr stiet de wurkwize yn om derfoar te soargjen dat **inisjatyfnimmers op lykwaardige wize neffens in transparant proses wolkom hjitten wurde by ús provinsjale organisaasje**. Nei it fêststellen is amtlik in provinsjale 'inisjatyftafel' ynsteld, sadat inisjativen drekt by alle relevante dissiplinen oan tafel sitte en net langer fan it kastke nei de muorre stjoerd wurde. De rol fan steateleden, ûnder oare yn de omgong mei behinderjend belied, oangeande maatskiplike inisjativen foarmet ûnderdiel fan it trajekt bestjoerlike fernijing.

Wy geane troch mei besteande inisjativen te stypjen. De inisjatyfnimmers fan Holwert oan See is it yn de ôfrûne jierren slagge foldwaande middels byinoar te bringen om mei it plan te begjinnen en wy sille harren by de útfiering stypje. By it inisjatyf fan de Oanjagers fan de Tsjûkemar binne wy yn nauwe gearwurking mei de gemeente De Fryske Marren en it Wetterskip dwaande in Gearwurkingsoerienkomst (SOK) op te stellen. Ek is yn 2020 in Utfieringsprogramma opsteld en stypje wy finansjeel de rezjyrol fan de Klup fan Oanjagers. Oangeande spesifike inisjativen ûnder de flagge fan Right to challenge wurdt op it stuit de pilot Natuer mei de Mienskip nau folge en sil takom jier troch ús evaluearre wurde. De lessen dêrút sille ek yn ús oanpak oangeande spesifyk dy útdagings útwurke wurde.

Nei oerlis mei de regionale stjoer-/ rezjygroepen mei dêryn bestjoerlike ôffurdigen fan **gemeenten en Wetterskip** hawwe Provinsjale Steaten de startnotysje Regionale Gearwurking bepraat en derfoar keazen de besteande gearwurking (foarhinne **Streekaginda's**) fuort te setten. Der binne ferskillen yn opjeften en ambysjes it gebiet, dêr't mjitwurk by frege en levere wurdt. De gearwurking wurdt fuortset mar net yn alle regio's wurdt de term streekaginda hantearre. Wy ûndersykje in ferdjipping fan de besteande gearwurking. Troch de regionale yndieling mear los te litten, kinne der crossovers makke wude mei mearder regio's (bygelyks Waadkust/Waadprogramma) dêr't meardere opjeften by betsjinne wurde kinne. Maatskiplike organisaasjes wolle wy in stevigere rol jaan yn it realisearjen fan de regionale opjeften.

Om **op syn minst 130 miljoen euro oan Europeeske middels** binnen te heljen dy't bydrage oan de brede wolfeart yn Fryslân hawwe wy ús ambysjes foar de Fryske ynset op Europa fêstlein yn it Beliedsbrief Fryslân en Europa 2020-2030 en de Utfieringsaginda Fryslân en Europa 2020-2023. Dêrneist hawwe wy fol ynset op it ûnderhâlden en útwreidzjen fan ús Europeeske netwurken om in ferfolch te formulearjen op besteande projekten en regelingen en nije regelingen. Wy stelle ús op as in iepen partner foaroer Europa en hawwe de lêste perioade mear minskkrêft en tiid yn de ferbining mei Europa stutsen. Dat dogge wy yn nauwe gearwurking mei ús Fryske partners: gemeenten, kennisynstellings, ûndernimmers, klusterorganisaasjes en maatskiplike organisaasjes.

